



BY HONK

LÆBBOEKJE FOR CHRISTLIKE SKOALLEN
GEARSTALD TROCH J. VAN DER MARK



BY HONK

LÈSBOEKJE FOR CHRISTLIKE SKOALLEN
GEARSTALD TROCH
J. VAN DER MARK
PRINTSJES FEN EVERT



UTJOWN BY
FA. J. KAMMINGA
DOKKUM
1 9 3 9

FOAROPWIRD.

Do't de ûnderwiiswet sadanich wizige waerd, det ek
in streektael op skoalle ûnderrjuchte wirde koe, wier
nimmen dêr mear fen út 'e skroeven as ikke.

Moai sa, tocht ik, dat is in goede dei for ús âlde Fryslân
mei syn moaije tael. As der nou mar gaedlike lêsstof komt.

* * *

Earder as ik tocht hie, sit ik midden yn it fraechstik
fen it ûnderrjucht yn it Frysk. Al forskate Fryske lês-
lessen haw ik bywenne. En ik haw dêr in wakkeren
nocht oan.

De Fryske bern mei hjar Frysk berneaerd kinne nou
lêze yn hjar eigen Fryske tael.

En hja meije dêr graech oer.

En de masters binne dêr bysûnder mei yn 't skik.

En de âlders: tige tofreden.

* * *


Scil det sa bliuwe den moat der in flinke kar fen gaed-
like lêsboeken komme. It wier my dêrom tige nei 't sin,
do't ik de kopy fen dit boekje ûnder eagen krike. My
tinkt, dit scil der goed ynfalle. Der sit forskaet yn it
proaza, de fersen binne net, lyk as safolle Hollânske, to
heech for it bernebrein.

En sa mei dit boekje yn mannige Fryske skoalle komme.
En syn fortuten dêr dwaen.

Ta stipe fen 'e kinde oan ús goede lân en syn rike tael,
om hwaens weardea men sykje moat.

Ta úntjowing fen it Fryske wêzen.

L. VAN DER ZWEEP,
Ynspekteur Leger ûnderwiis.



1. HUZING YN RYM.

De loft is griis, de damp lûkt gear
Oer peppel en strewel,
En set him, fen de froast birymd,
Op hûs en beammen del.

De huver hinget oer it gea,
Foarseit in tryste dei;
De dûnkre moarntyd toevet lang
Yn damp en dize wei.

Mar, hommels, sjit it gouden ljocht
Troch 't skiere wolkenklaed,
En alles stiet yn wite pronk,
Sa hûs as beam en paed.

Hwet skittert en hwet glinstert it!
In keninklik tapyt
Leit oer de Fryske winterwrâld,
Sa ljocht en blinkend wyt.

Dat docht de sinne yn hearlichkeit
In helt mei tovermacht;
En 't âlde hûs, oars skurf en skier,
Is nou ien sé fen pracht.

2. FRYSLAN.

Hast' ús Fryslân wol sjoen
 Yn 'e jeuchlike tsjoen
 Fen de feestlike, riizjende Maeije?
 As it Easten sa gloeit,
 As it Westen sa bloeit
 En de twirkes sa flinterjend waeije?
 O dy goudene dei
 Oer de strieljende wei,
 Dy't sa kronkelt nei 't noegjende omfierren;
 En de heldere nacht
 Mei syn ivige pracht
 Fen dy stille, blankeagige stijrren.
 O dat ljocht, o dat goud,
 Dat in himel ús jowt,
 En de frede oer de jounige lannen,
 En Gods Wird dat ús seit
 Fen de r'est dy 't der leit
 Oer ús biddende, fâldene hinnen.
 En dat eigene lân
 Mei syn klaei en syn sân,
 O dat lân fen ús ljeafde en ús smerte;
 As it bloeijende blinkt,
 As it riist, as it sinkt,
 't Bliuwt it lân fen ús hope en ús herte.
 Sjuch, de Maeityd komt oan
 Mei syn joun en syn moarn,
 Yn syn skirte de takomst forside;
 En it tilt oer it lân
 Fen in triljende brân:
 Byld fen hope op kommende tiden.
 O fen 't jister de gloed,
 En de segen fen hjoed,
 En de finger fen 't fierie forline.
 En in God Dy 't ús laet
 Op it riizjende paed;
 O ik wit it: Syn sinne scil skine.

3. DE TREUREBEAM.

Yn 'e hoeke fen it hôf
 Stiet de treurebeam,
 Tûke en tinzen nei de groun,
 Stil as yn in dream.

Yn it wetter fen 'e grêft
 Teikent hy syn aerden,
 Oer de gérzen oan syn foet
 Lûkt syn skimerskaed.

By syn stamme sit de Boer
 Rêstich op 'e bank;
 Oandien oer Gods hearlikheit
 Utert hy syn tank.



4. IN RUZERIGE JOUN.

Om '80 hinne.

It is in buiïge hjerstjoun. Rein en heil en snie, fen alles troch inoar. In pear hynstekeapljue krûpe to Mitselwier yn 'e waerme tapkeamer fen de Graaf. It brandewyntsje smakket goed.

Harm, de jonge, stiet by de trochreed, kåld en ūngedien, de teannen prykje him, de hinnen binne him knoffelich.

Ien fen de keapljue skuilet nei bûten. „Kom mar yn, jonge, den krigest' ek in opknapperke.“

Graech giet Harm nei binnen. En de ljue plakke en — swetse.

Bûten stiet in span hynders. Hja fiele hjar ûnwennich. De kjeld pimpert hjar ek. Hja skoerre oan 'e touwen. Hja wolle los. Hjir wei. Foart, nei in better plak. Nei in waerme stâl en goed hwet yn 't rip.

Hja skoerre hjar los fen 'e trochreedsring en drave de wei út. Noard op. Nei Ropta ta. Dêr skimert hjar it mounlehiem tomiette. Dêr by op: gjin homeishikke forhinderet it hjar. By it terpke op, fierder, fierder. Dêr binne se by de mounle, dy 't oan 'e kant fen 'e grêft stiet....

De oare moarns yntiids giet lytse Germ, it soantsje fen mounder Miedema nei bûten ta. Hy wol nei 't hok. Dêr hat er syn boartersgûd. Skrinkelbonken, dy't er syn kij neamt en dy't op 'e tiid foerre wirde moatte.

It hat rypt en alles is wyt fen snie. Frjemd, by de mounle, yn 'e wâl, hwet liket it dêr swart en nuver. Hy doar der net hinne. Hy rint wer yn 'e hûs.



„O, heit, dêr by de mounle, dêr sit hwet yn 'e sleat! Bisten, hja hawwe gjin earen, mar al hoarnen.“

Heit draeft mei. Hwet kin dat wêze? En nou sjucht er it: it binne twa hynders, dy't dêr yn 'e helterstouwen bitiesd hjar ein foun hawwe yn 'e modderige grêft. Hwet lytse Germ for hoarnen oansjoen hat binne de earen, dy't rjucht oerein steane.

Foartdérnei docht it blikken, hwaens hynders dat binne. In rûzerige joun en in rûzige holle hawwe dizze bisten de ein bisoarge.

5. ROPSTER MOUNLE.

Kenne jim de Ropster mounle
Dy 't sa dreech syn rounten draeit?
Dy 't nei 't Suden wiist ef 't Noarden,
Almar nei 't it wyntsje waeit?
Fris en fleurich mealt er oan,
Makket stouwend moal fen 't koarn
As er mei syn earmen swaeit.

Kenne jim dat lytse terpke
Dêr't dy hege mounle stiet?
Dêr't in rook fen âlde tiden
Oer de jonge hagen giet?
Ropta's namme, great en mâns,
Rêst op 't sté hjir de ieuwen lâns,
En dy harket as in liet.

Kenne jim fen giene tiden
Wol de wûndre poëzij?
Kenne jim de bân fen 't foarge
Oan ús dagen, goed en nij? —
Sjong 't den út op blide toan:
Ropster mounle, meal mar oan
Mei dyn macht fen melodij.

Ut „Ropta“ syn mounle, syn skiednis. Biskreaun fen A. M. Wybenga.

X. 6. WOUTERKE.

Einlings is it den sa fier kommen det hjar njuet skiepke lamme hat. Hwet hawwe Jantsje en Klaske dêr al lang nei útsjoen. Dat ljeave skiepke dat se foerre hawwe yn 'e tiid do't er op 'e knibbels kroep om to iten, om 't it tsjokke poaten hie. Hy koe de bern net sjen ef hy bêke hjar al tomiette.

„Nou”, seit heit, „kom marris mei nei de skûrre.”

En ja, dêr leit it skiep mei twa ljeave lytse lamkes by him. Hja bisiikje al om oerein to kommen.

De bern scoene hjar wol graech oer 'e giele kroltsjes aeije wolle.

„Moarn marris sjen”, ornearret heit, „it wirdt nou bêd-gongerstiid for lytse famkes.”

„Nacht, lamkes”, dogge de famkes mei hjar hantsjes en hja swaeije ôf.

As de bern de oare moarns wekker op bêd lizze, hearre se, ho 't heit en mem it der oer hawwe, it iene lamke is al dea en it âld skiep is grif net goed, hy leit dêr sa slûch hinne. En foart dêrnei hearre hja det it skiep op 'e karre foartbrocht wirdt nei de slachter ta.

Gau hawwe hja de klean oan. Hja moatte ris by it lamke sjen. Hja wirde der kjel fen. Hwet tsjittert it teike dêr bihyplik om en skriemt er earmhertich fen mêmê. Hy siket alle hoekjes ôf, mar syn mem is der net meer.

„Mar gau nei de winkel om in pear lammesûgers”, seit heit.

As de bern weromkomme mei de elastikene dinkjes, stiet mem al ré mei de flesse. It giet op in minsterjen, mar op 't lêst bigrypt de lytse pesjint det er it dêr fen ha moat.

Yn skoalle giet it sahwet mei 't learen. Master sjucht al ris mei in skean each nei Jantsje, dy 't oars altyd tige

opmerksum is, mar nou rjucht foar hjar út sit to digerjen. En aan Klaske, dy 't hwet gutiger is, freget er eft er hjar brein hwet opslypje moat.

Op 'e neidei sjugge hja wer by it lytse weeske. Hy is al hwet wezenliker worden, en de bern hawwe in danigen nocht oan syn skranke spronkjes. Mar by tiden stiet er wer pal, den komt him fêst hwet yn 't sin en bletteret er oan ien tried wei fen: „mê...mê!”

„Krekt eft er mem seit”, ornearret Klaske.

Och, hwet moatte hja dat ljeave snûtsje oanhelje. Hwet is it dochs in sierlik bistje mei dy wolleige krolders en dy dûnkere eachjes.

Dêr loert heit om it hoekje fen 'e skûrredoar.

„Moatte jim him net efkes oankrûpe?”

Nou fljugge de bern heit oan en dogge tige bistriffend: „Scil heit dat ek wer sizze? Oars giet it noch raer mei heit en krûpe wy heit oan!”

Dy jouns op bêd prate se noch op hjar lytse lammetamme om en heit ornearret: „It bistke moat mar mei únder de tekkens.” Mar mem seit: „Dat scoe moai gean.”

Alle dagen al wer oan hawwe hja in wakkeren wille mei hjar Wouterke. Hy mei nou bütendoar en hat in jong geitsje ta kammeraet. Dêr leart er it wyldzjen fen. Toegearre katerje hja it hiem op en del det it in lust is.

Op in jountyd steane de bern nei de lytse skarlunen to sjen. Op en del hippelje, de kopkes oerside hâlde, gutich mei de snûtsjes hinne en wer lûke, mei alle fjouwer poatsjes tagelyk fen 'e groun ôfspringe, sa binne se oan 't gymnastykmeitsjen.



Efterhûs leit de melkplanke oer 'e sleat.

Sikje tinkt: Dêr moat ik ris oer. Yn in omsjuch hat er dit kinststikje fortoand.

Wouterke moat sikje efternei fensels. De bern sjugge it oankommen. Lûd jammerje se fen: „Dû net, dû net, lammeteite!”

Mar it is al to let. Mids op 'e planke kin er it net mear forhâlde. Ploemp! dêr leit er yn 't wetter to sparteljen.

Och, hwet in konsternaesje!

Lokkich, hy komt gau wer boppe. De famkes pakke him by syn lammebaitsje en hise him mei foriene krêften by de wâl op.

Och, och, hwet wier er dêr wiet fen wirden. Hy huveret er fen, en skoddet him, det de wetterdrippen wit hwer stouwe. Hwet bigreatet it de bern om de lytse baeijer.

„Undogenske sikke, det is dyn skild”, seit Klaske.

Mar it is neat net fen slimme gefolgen. Hy kin der like goed om oanwinne. En as er seis wike is, seit heit: „Nou moat er it lân mar yn; hy kin him nou sels wol rôdde. Hy hellet hjar fen alles út en wirdt ek to minskich.”

Dêr hiene Jantsje en Klaske earst danich mei to dwaen. Dy moarntyd hawwe hja him earst nochris tige oankrûpt. Den giet heit der op út mei hjar lytse skat.

„Dei Wouterke, dei lammetammeteite”, roppe de bern him noch efternei. „Mar gau great wirde; en ast' den in skiepke bist, scille wy mei dyn lytse teikes boartsje.”

En teike seach noch efskes om, krekt eft forstie er it.

7. DE LYTSE LANWROTTER.

„Ho let is it, heit?”

Skriemerich freegjend beart it famkeslûd de lange bou-lânsikkers del, dy't skierwyt bistoud mei snie, oan de foergekanten as rjuchte streken it klaeilân ynrinne.

It is hast gjin waer om yn 't fjild to forkearen.

In kâlde, snijende wyn jaget de fine snieflokjes de wrâld oer, en as lytse wirrige fûgeltsjes sykje se de smoute yn 'e lijte fen de foergen.

It is it lûd fen Jantsje, in famke fen âlve jier, dy't heal forteaze en forklomme, it rêchje krûm nei de groun, oerdwers de ikkers op en del wâddet en yn de glêdroune gatsjes, dy't hjar heit mei de pjuk makket, de greate beane twa by twa rûgelje lit.

Jantsje is fen 'e wike for it earst nei 't lân ta rekke.

Forline Snjeon hat se, mei blide glâns yn 'e eagen, om it wûndre nije libben, det se tomiette gie, fen master en de skoalle ôfskied nommen.

Bliid jubeljend hie se it master forteld:

„Ik bitankje master for it ûnderwiis; ik kom yn nije wike net wer op skoalle. Ik moat nou nei de boer, de nijboer, beane ynlizze.”

„Nou, nou”, hie master sein, „dû nei 't lân, sa'n lyts krieltje?”

„Ja, master”, hie se forheftich andere, „mar ik bin al âlve, ik ha der sa'n sin oan, en ik scil ek jild fortsjinje, de boer hat it sels sein.”

Springend wier Jantsje de skoalle útdounse, sjongend fen nijsgjirrige wille.

Frij fen skoalle, nei 't lân ta, mem Snjeontojouns sinten thûs bringe.

De iere Maitiidssinne sette de skoallestege, dy't se yn bliid trochdounse, yn in gouden gloed. It wier moai waer,

en twisken de hûzen fen it âlde doarp wier it suver waerm.

Prachtich wier it, om mei sok moai waer it wide fjild yn; folle moaijer den dy skoalle, ba! Jantsje wier bliid det se der ôf wier.

Hjar heit hie de hiele winter neat fortsjinne; winters wier der gjin wirk. In setsje hie er baenfage, do't it sterk iis wier. De âldboer, dêr't er altiten arbeide hie, lange jierren oanien, winters like goed as simmers, wier fen de pleats ôfgien, en de nijboer hie him forline hjerst dien jown; dy hie winters gjin wirk, hie er sein.

Nou hie er him wer frege, en ja, hy koe wirk krije: beane sette, mar hy moast ek om in beane-ynlizzer sjen. „As Jou fanke mei kin”, hie de boer sein, „den kin ik Jo brûke, oars net.”

Bliid hie Jantsje' heit taslein.

It bigreate him wol, om it lytse ding; it wier sa'n hean lyts wyfke en dy al sa ier op it kâlde lân. Mar it moast, oars krike er sels ek gjin wirk. De winter hie al sa lang west, en hwet hiene hy en syn wiif al faek útsjoen nei de fortsjinst fen de earste, dit famke, de âldste fen saun.

En it barde ommers oeral. Dit famke wier dochs al âlve jier, mar fen acht en njuggen jier wrottene der ek al genôch op it lân om. Sa wier nês fjirtich, fyftich jier de tiid nou ienkear en nimmen, dy't der niget oan hie. De lytse bern, en de frouljue, dy't gjin grou fjirtsjen stûren deis hoegden to fortsjinjen, lyk as it manfolk, dêr wier fraech nei, dy koenen altiten wirk krije.

Ja, Jantsje hjar heit wier suver spekkeapman, det er wirk krije koe, en mei lytse Jantsje nei de boer mocht.

Sa wierne se beide de Moandeitomoarns seis ûre nei it lân ta tein, heit mei de pjuk ûnder de earm en in heal sek beane op 'e nekke, Jantsje de hanner yn it nij linnen skelkje biwoelle, hwent moarns om seis ûre is it dochs


altiten in bytsje kâld, as men krekt fen it bêd ôf komt.

It wier moai waer oars. De sinne kaem foart nei saunen as in fjürreade bal boppe de groun, de waerme sinne, dy't yn 'e Maertmoanne sa noflik strielje kin. En sa wier it in pear dagen bleaun, en sjongend liet Jantsje de beane, twa by twa, yn 'e gatten rûgelje.

Mar do kaem de kjeld, in fûle Noard-Easte wyn, mei heilboijen en snie, hwent dêr hat Foarjiersmoanne ek gjin wirk fen as it moat.

Yn dy feninige kjeld bistoar it sjongen njunkelytsen op Jantsje' lippen. It feest fen it frije wide fjild yn en it feest fen vrij fen skoalle wier al ridlik gau gjin feest mear. Yn de kâlde, Maertske snie- en heilboijen like de skoalle wer ynienen folle bigearlicher; dêr wier it smûk en smout.

„Ho let is it, heit?”



Skruten en wearzich taeste de lytse forklomme hantsjes hyltiten al wer oan yn it stiennen potsje mei de glêdde, izich kâlde en wyt bisnijde beane. Trilderich lit hja de beane, twa by twa, yn 'e gatten falle, mar ek faek bart it, det út de machtleas kâlde hantsjes alle beane, tsien ef mear tagelyk, weiglide yn 'e kâlde, kliemske groun. Den sjucht de lytse ynlizzer skruten nei de oare kant fen de ikker, dêr't de oare ynlizzer, in âld fruminsk fen goed fyftich jier, mei fêste, wisse hân de beane yn 'e gatten snijteret. It mist hjar nea: twa by twa rûgelje de beane út hjar âlde wrede hannen, wreed warden yn waer en wyn. Hja is net kåld, al tritich jier lang hat se lânwrotten fen't de iere Maitiid oan't de lette hjerst. Dy âlde brûnswarte hannen ha de gek mei de kjeld en mei it waer. It lykje hast gjin hannen mear, it binne greate ylbulten warden, dy't net kåld werde, en dy't net sear dogge, as der greate snieflokken op falle, ef heilstiennen tsjin oan slagge. En sa hird as hjar hannen binne, sa hird is se alhielandal. It bigreatet hjar neat, det it lytse famke oan hjar side sêft skriemt fen klearebare kjeld, en kleijend freget eft it lange moarnskoft, fen seis ûre ôf oant tsien ûre ta, hast om is.

„Ho let elt it is?” grommet en snaut se tsjin it famke. „Wol, it is krekt in dei letter as jister om diz tiid. Dû moatst mar oanskreppe, fûl skreppe, yn 'e hannen knipe, en dy mar waerm tinke.”

Mei wrede glim sjucht se it famke oan, dy't skrillet fen hjar botte útfallen, en den seit se: „Ja, ja, to mar, pak mar ta. Dyn knyntsjedagen binne út, famke! Dû hast nou de izeren sylbeage oan; det is earst net sa noflik, mar det went wol foar de tiid, dets' in âld wiif biste.”

It is net de earste kear, det se det tsjin it bern seit; it famke hat it al sa faek fen hjar heard, mar dêr wirdt se net waerm fen, en helpleas sjucht se nei hjar heit, dy't

kocheljend en yn 'e rêch lynjend mei in âld mes de pjuk ôfskrabbet.

Hy stiet in eintsje fen hjar ôf. Hwet de âld faem bigromme en bisnaud hat tsjin it famke, det hat er net heard, mar hy sjucht wol det se kåld is, stienkåld, en det dy lytse hantsjes krûm steane en it wirk, det se dwaen moatte, net mear dwaen kinne.

Den set er de pjuk yn 'e groun, en komt mei greate stappen de foerge lâns, op syn kålde lytse faem ta, en wriwt hjar iiiskålde hantsjes yn syn waerme greate hannen. Mei ynlyk meilijen sjucht er de blidens op it antlit fen de lytse lânwrotter.

„It is gau njuggen ûre, fanke”, seit er den, „noch in ûrke en den geane wy nei hûs. Den krigest' it liif fol waerm iten, en den oerdei, den bist net kåld mear. Mar moed hâlde, wylke, it waer wirdt alle dagen better.”

It famke knikt tastimmend en de trieneachjes sjuggeheit tankber oan.

„Lekker, nou ?” seit er, de lytse hantsjes wriuwend yn syn greate wrede hannen. „Prykje se dy al? Ja? Den werde se nou gau waerm, mar det docht earst in bytsje sear, nou ?”

In bytsje pynlik lûkt it famke oan 'e hannen. Det prykjen docht ek sa glûpende sear, mar de hannen werde waerm; it is doch noch better út to stean, den dy fûleindige kjeld.

Meilijend sjucht it heite-each syn dochterke oan. It is sa'n tear, fyn famke en den sok min waer; it is ek gjin waer for sokke bern; in goed boer scoe syn houn der sa net útjeije.

„Ik bin sa raer”, klaget se.

„De kjeld hwet oer de lea, tink!” ropt de âld faem, dy't gnyskjend it gedoch fen heit en dochter oansjucht. It is krekt ef lûkt der in lyts fleachje fen meilijen troch

hjar hinne. Hja kriget it beanepotsje fen it famke en leget de bisnijde beane yn hjar eigen potsje en den jowt se it

lege potsje it famke oer en seit:
„Helje mar beane fen de ein ôf út 'e sek, den kinst' dy waerm rinne; hinne rinne en werom fleane.”

Blier laket it lyts famke om dizze ginst.

Hast dounsjend rint se de lange foerge del nei de ein, dêr't de sek mei beane stiet. De kliemske modder flucht fen hjar klompkes ôf, wit ho heech de loft yn, en hymjend komt se

efkes letter werom rinnen, bliid en waerm, hwet in gelok.


Hjar heit sjucht hjar bliid springend werom kommen en den seit er: „Sjësa, nou bist' den ek lekker waerm warden, nou? Nou mar tige oanskreppe. Nnoch in toarntsje en den is it iterstiid.”

Hy giet wer nei syn pjuk en bigjint drok to gatmeitsjen. It famke, nou waerm warden, leit wer mei nije moed yn.

Dochs, it dûrret mar efkes, den is hja wer allike kâld. De fingerkes steane as einepoaten en wolle mei gjin mûglikheid twa beane tagelyk loslitte, krekt twa en net mear, lyk as it ommers heart.

Sa by nou en den sjucht se nei heit eft dy noch net ophâldt. Heden, heden, hwet dûrret sa'n ûre dochs lang! Den sjucht se skean it lân oer nei de âlde sedyk, eft it folk der noch hast net oankomt.

„Skrep oan. fanke”, grommet de âld faem neist hjar, „hwet in gesjuch hwêr't alle fûgels fleane. Ik ha fiif gatten en dû mar trije; as ik nou noch mear moat, den kin ik allinne ek wol. Dû moatst sa ek wol forklomje. Sjuch nei



de groun en tink om dyn wirk. — Sjuch my det ris oan”, raest hja lûd, „dêr smytst' my sa mar in hiel hânsol yn ien gat!”

Skruten skrillet it famke op fen dy wrede útrop en knypt de kâlde beane wer fulder yn hjar forklomme hantsjes. Mei ynmoed bisiket se om it better to dwaen.

Mar nou wol it hielandal net mear. De kâlde fingers litte hjarren net mear stjûre en gûlend sakket se tsjin de groun oan, snokkerjend: „Ik kin net mear, ik bin sa kâld.”

De heit oan 'e pjuk sjucht syn famke delfallen en suchtet: „Hwet is it al hwet! Scoe men net ljeaver heal foarby fen iten wolle?”

Nidich sjucht de âldfaem de heit oan en gnaut: „Jawis, nou moatte Jo det fanke ek noch bidjerre, sa'n great fanke fen âlve jier; ik moast mei acht jier al nei 't lân. Byt mar op 'e tosken!”

„Nou, hou hou ris!” ropt de heit. „Jo hoege sa net to grauwen en to snauwen! Jo meitsje det bern al hiel oerstjûr. It is ommers ek as pikel sa kâld. Jo scille ek wol ris earmoede ha fen kjeld, tink! Jo binne ek altiten sa'n helt net west as optheden, wol?”

„Né, mar ik bin ek al troch de moster fitere”, raest de âld faem lilk. „Der is fen my ek net in siden popke makke! Det fanke moat der troch! Ik bin der ek troch kommen; ik bin ek al net bipoppe en bidoarn!”

„Né”, seit de heit, „det komt my ek sa foar, mar as it bern útfoetere en ôfgnaud wirde moat, den scil ik it sels wol dwaen! Dêr bin ik Jo net for nedich, as Jy det mar yn 'e rekken hâlde!”

It famke hat, in bytsje fornuvere, de koarte tsierderij oanharme. Hjar hadden, bitize yn it rokje, binne wer in bytsje waerm warden, en mei moed bigjint se wer mei hjar wirk.

Stúmsk wrot de áld faem mei fiif gatten foarút, en litrije lizze for it famke. Mei gauwens is hja in mannich rigels yn it foar.

Sa steane de trije minsken njunkelytsen yn trije ploegen to arbeidzjen. De heit foaroan, nidich pjukkend om de wredens fen de áld faem, dy't lilk in rigel ef tsien efter him bliuwt; en dêr wer in eintsje efter de lytse lân-wrotter, skriemend fen kjeld, skreppend mei de trije oerbleaune gatten.

Sa komt de boer efter hjarren it lân lâns, en bliuwt by it famke stean.

„Hwet nou, lytse skrepper”, freget er, „kinst' de kriich net mear folgje? Kâlde hannen, tink?”

„Ja, boer”, seit it famke, dy't iverich skreppend om hjar paed skjin to meitsjen, op 'e tosken bitend, hjar forklomme hantsjes twingt ta goed wirk.

„It is ek gjin waer”, seit de boer, „mar it spil moat der yn, de tiid giet syn gong.”

Den stapt er fierder en seit tsjin de áld faem: „Jo moatte det bern by Jo hâlde, hear! Det is sa gjin wirk, sa'n lytse streupert sa'n ein efteroan bongelje to litten!”

„Dy hat it net op 'e lea, boer”, seit hja fluensk, „dy hat de hannen mar yn 'e rokken en moartet mar. Dy is gjin stûr wîrdich op it lân!”

„Soa”, seit de boer kâld, „nou, dêr scil ik den wol mei rôdde; dy skea hoege Jo net to dragen. Mar Jo hâlde det famke by Jo, en oars is dêrre de daem.”

„Ik hâld daliks op”, raest de áld faem, „en ik kom hjir ek net wer!”

„Det moat Jo witte”, seit de boer iiskâld. „Dit past hjir ek lang net, liket my ta.”

As in wyld flucht de áld faem it lân lâns nei hûs ta, en as it efkes letter iterstiid is, kloppet de boer it famke op

't skouder en seit: „Nou krigest' oerdei in oare kammeraet, famke, en astû kâld biste, den moatst' mar tige hanbûtse, hear!”

* * *

De áld faem, dy't lilk fen 't lân ôfroun is, is de oerdeis net wer kommen. Det kaem ek goed út, hwent de boer hie se ek net wer op it lân sjen wollen.

Der is nou in nije beane-ynlizzer neist de lytse lân-wrotter op 'e eker kommen. In biheind, forwoeksen áld keardeltsje, alhiel krûm forgroeid. As er roungear steande, beane yn 'e gatten docht, den hinget de holle hast op 'e groun. Sa is er forgroeid, as er iverich skrept, ef rjucht op stiet to sjen, der is gjin minske, dy't der fierôf hwet fen sjen kin. In stimper, mei syn mismakke lea, mar mei in hert fen goud. Op alle müglike menearen docht er it famke goed en helpt se foarút. Mei syn üngelokkich lichum kin er oars net dwaen as frouljues- en bernewirk, en hy fortsjinnet ek mar in frouljues deihier.

Mar it famke is ynbliid mei hjar nije kammeraet. Hy leart hjar de linige slach fen it beane-ynlizzzen. Mei great gedild búcht er de fingers fen it famke sa byinoar, det der by elts gat mar krekt twa beane troch rûgelje en net mear.

As de greate kâlde heil- en snieboijen komme, en hjar hannen binne kâld, den kriget er se yn syn hannen, dy't ünbidich great lykje, om't it mar sa'n lyts mantsje is. Mar dy hannen binne altiten waerm.

En as it liket, det de lytse faem dochs de striid tsjin de kjeld forlieze scil, den stjûrt er hjar nei de ein om beane. Den hinget er hjar it potsje mei it tou oer 'e earm, en bistoppet hjar hantsjes yn 'e skelk.

It is in wûnder aerlich áld keardeltsje, dy lytse Mark. Altiten wit er hwet nijs út to finen.

Moaije forhaeltsjes fortelt er; hy skoddet se sa mar út 'e mouwe. In hiel bulte fortelt er yn ien skoft en it oare skoft hat er wer in hiel protte nije forhaeltsjes.

Somstiden sjongt er moaije ferskes; mei syn piperich lûdtsje beart it der sa wûnder moai, en den binne se soms sa kluftich, det it famke it útskattert.

En hwet wreder en feniniger de kâlde boijen it lân oer jeije, hwet moaijer lytse Mark syn forteltsjes en syn sankjes wirde. Den forjit it famke fen kleare wille de fulste kjeld.

Soms skreppe se om it hirdst togearre. Mark docht den fiif gatten en it famke trije. Den smyt er syn bûsdoek mei in klút modder der yn in ein foart de eker lâns, en dy't dêr den earst is, hat de priis woun.

Mark moat it altiten forlieze, dêr past er sels wol op. It famke moat it winne, oars hat se der gjin nocht mear oan, en hy moat er tagelyk om tinke, det se ek goed wirk makket. As se hjar ris fen kleare hastigens forsint en ris in beane to folle yn it gat smyt, den moat se dy der wer úthelje, hwent it wirk moat goed, seit Mark, oars giet it net earlik.

Hy jowt ek prizen for it winnen. Syn festjebûse sitte altiten de prizen yn: ien ef twa ef trije pipermuntsjes. Syn mem hat in lyts winkeltsje yn it doarp, en alle skoften hat Mark wol it iene ef it oare, det tsjinje kin for priis.

Sa leart er boartsjende wei it famke it wirk linich en goed dwaen.

Soms komt de boer der stil oan kuijerjen, wylst Mark it iene ef oare brike forhaeltsje opdist, en as er den it famke iverich skreppen sjucht en lûd skatterjen heart, den hat de boer der suver nocht oan en stiet soms wit ho lang to sjen ho't dy beide skreppe, en harket laitsjend nei Mark syn moaije forteltsjes en sjongstikjes.

En den giet er skodholjend nei de heit ta, dy't yn-

bliid om de wille fen syn famke gatten pjukt en den seit de boer tsjin him: „Ik leau, det lytse Mark jou famke better opfieding jowt den dy healwize âld faem. Dy ha ik it earste skoft al sketten. Sokke arbeiders kin ik net brûke.“

De pjukker skodhollet foldien: „Ja, boer, siz det wol. Ik bin ek sa bliid mei dizze foroaring. It famke prakke-searret oer gjin kjeld. Hja giet alle skoften mei great nocht wer nei't lân. Ik wit net hwet wille as ik ha.“

Mar soms giet it him wol ris maldernôch: lytse Mark is yn it kar fen syn forhaeltsjes wol ris in lyts bytsje oer 'e streek hinne. Den brimt de man oan 'e pjuk wol ris; hy is soms tankber en ek in bytsje huverich tagelyk.

Mar it famke stiet de kjeld fen it lângéan yn de Maert-moanne gânsk better troch as yn it earstoan. Hja hinget oan dy wûndre lytse Mark, dy't sa moai fortelle kin, en alles for hjar oer hat.

En de earste Snjeontojoun, det wier in feestjoun for de lytse lânwrotter.

Thús hie se yn 'e wike al wit ho faek frege: „Heit, holle sinten scoe ik nou Snjeontojoun fen de boer krije?“

Heit hie der om lake, en sein: „Ja, fanke, det wit ik net. Dû moatst mar tinke fen trije stûren deis, det is it lean, as de bern fen skoalle komme. Mar ik wit net, it kin ek wol ris in stoater wirkde, hwent dû bist ek hyltiten sa kâld, nou? En den kinst' ek net folle dwaen.“

„Nou, ik skrep oars goed en't heit?“

„Ja, dû moatst mar tige dyn bêst dwaen en den moatte wy Snjeontojoun mar ris sjen hwet it wirkde scil.“

Nou wier it Snjeontojoun.

De klok hie seis tûre slein, en fol moed stapte de lytse lânwrotter mei de oaren nei it hiem, dêr't de boer mei de jildpong klear stie.

Yn spanning wachte it famke ôf hwet it wirkde scoe.

As it nou mar trije stûren waerd, den foel it hjar net ôf.
Lytse Mark tocht, det it mear wirde scoe; sa'n baes fen
in lânwrotter fortsjinne folle mear as trije stûren, sei er.

„Hwet moatst' nou fortsjinje?” frege de boer.

It famke waerd der kjel fen. Nou wier 't den sa fier.

Hja lits oan 'e skouders en sei: „Det moat de boer mar
witte.”

„Hja moat mar in grouwe deiher ha, boer”, sei lytse
Mark, „hwent it is in baes op it lân, det fortel ik Jo.”

„Nou, hâld den de hân mar ris op”, sei de boer.

Earst lei er in goune yn 'e lytse hân, en do kamen der
noch twa dûbeltsjes boppe op.

„Is it sa goed?” frege er it famke.

„Ja, boer”, sei se ynbliid, „det is deis twa dûbeltsjes!
Hwet in protte! Hwet scil mem dêr bliid mei wêze!”

„Nou, den mar gau nei hûs”, lake de boer, „en jim mem
mar bliid meitsje, en yn nije wike mar wer omraek
skreppen.”

Optein fen wille fleach de lytse lânwrotter fen it hiem
ôf nei hûs, wylst de oaren hjar laitsjend efternei seagen.

Efkies letter kaem se thûs fleanen en lei hjar skat yn
memme hannen.

Forgetten wier it kjeldlijen fen de lange kâlde wike.
De lytse lânwrotter hie hjar earste jild thûs brocht, det
mem sa skoan brûke koe, en hjar sa ynbliid makke.

8. GREIDHOEKE.

In iepen flakte, in sterk tafriel
Fen greidegrien mei bûtergiel.

It docht de wolkems nûvre nij,
Ho is dat fjild sa wiid as wy?

It doarp is lyts en hean de toer,
Mar great de pleats en mânsk de boer.

Hy stekt as hear de lannen yn,
Dy't laddrje yn ljocht fen sinneskyn.

Syn each giet oer syn boerkerij,
Syn warber folk, syn skiep en kij.

En merkt er al dy ierdske skat,
Den lûkt him 't hert omheech nei God.

9. KIJFORWEIDZJEN.

't Iten wirdt wer minder
Yn de fjirdeheal;

Wrede kouwetongen

Skearden alles keal.

Sykjende eagen loerden

Gauris nei de daem,

Eft om to forweidzjen

Nou de boer hast kaem.

Hwet's dêr by dy hage?

Wis, dêr komt er oan;

Koppen komme omhegen,

't Wirdt in goede moarn.

En hja sizze lûden

Elk nei eigen aerd;

Blidens fen forwachting

Leit yn 't kouwepraet.

En den komm' se harren

Fen ién tinken laet,

Eft'r elkoarren reizgjend

Lâns it kouwepaed.

Wranggeljende rêgen

Yn in lange streek,

Suver âlde beppen

Roeikjend nei de preek.

By de hikke krij' se 't

Helder for 't forstân,

En mei krûme sprongen

Stoarmje se út it lân.

10. DE RAMP FEN 'T MODDERGAT.


1883.

Peasens is in âld doarp. Yn in streek leit it deun tsjin de sédyk oan. In forlingstik fen Peasens is it Moddergat. En dochs ho nei it ek mei dit doarp forboun liket, it is alhielendal gjin Peasens. It leit net iens yn deselde gemeinte; dêr wennet fen âlds in oar slach folk en sels yn 'e tael rint it útinoar. In Moddergatster scil syn heit en mem mei „Jo“ oansprekke; in Peasemer seit: Wol heit dit ef det?

Twisken Peasens en 't Moddergat leit de útein fen de Donge, dy't skieding makket twisken East- en West-Dongeradiel, en sa wirdt it forlingstik fen Peasens rekkenê under Nes (W.D.), dêr 't it in healûre geans ôfleit.

Fen âlds wierne de Peasemers ljue fen 't boerebidriuw, yn it Moddergat wenne it fiskersfolk. By 't maityd gyng it op in skolfiskjen, heech boppe it Amelân en Skiermuntseach út, en by 't hjerst hiene jy de skytfiskfangst. In bulte skol gyng nei Inkhuizen. Skytfisken waarden op weinen nei Feanwâlden forfierd en gyngen den fierder de wrâld yn. Ek teagen de fiskjagers der wol mei weinfolle fisk op út nei Grins ta. Hjar frouljue, dy't soms wiken efterien yn Grins tahaldden, sutelen de waer dêr hûs oan hûs den út.

Mei aken en blazers wierne de fiskers de sé yn; de aek hie in breedte fen in foech roede, en in lingte fen sa'n 45 foet, hie fen foaren in hege skerpe kop, en roun fen efteren del; in blazer hie foar en efter deselde hichte. Op elk skip fearen gewoanlik siif man, towylst ek safolle frouljue wjirmolden for de skytfiskfangst. Det wier in baentsje! Mei greatelearzens oan, dêr 't se de boksen fen in wide broek yn deltroppe hienen, in kyp op, in amer oan in âlderwetske gripe op 'e rêch, sa teagen se it Wâd



yn. Dy amer moast oerrinnende fol slykwirms socht wirde, hwent sa aenstouns moatte sy dy oan it hoekwan splite, en as det fol is, den sitte der toalve streken elk fen fiif en sauntich wjirmen oan.

As 't bigjinne woe to winterjen waarden de skippen nei Iesumersyl brocht en dêrre, om vrij to bliuwen fen it kruijen fen 't iis, troch de slûs helle. En de skippers mochten wol noed fen hjar eigendom stean: in goed fiskersfartûch koste mar efkes fjouwertûzen goune.

Sa laei den by 't winter it fiskersbidriuw stil en koartten de Moddergatsters elkoarren de tiid mei it opheljen fen âlde spûketeltsjes en sémansforhalen. Ek loerden se wolis efkes op 'e boom fen 'e romer. De simmertiid moast it bidriuw goed meitsje. Gewoanlik hie it fiskersfolk in fleurich bisteane.

It is Moandeitomoarn de 5e Maert 1883. Alle fiskersfolk stiet op 'e dyk, mânljue, frouljue en bern. It hie jister prachtich waer west. „Wy moatte foart”, ropt de jongerin. De âlden binne lykwols net sa gerést, it is noch sa ier yn it jier, sok séft waer wol graech wreed op folgje. En it is nou al sa dizich oer it wetter. Mar de jongeren winne it: de aken lizze dêr fierrens al op 'e réde, de preammen lykke hjar wol to noadzjen om mar gau to kommen. Hja geane.

Sa farre se nei hjar fartugen ta, 109 man for 22 aken. En op 'e dyk steane de neibisteanden en wiuze hjar it farwol ta.

De iene nei de oare wirde de aken aenstouns wei yn it Fryskje Gat en frouljue en bern tsjugge wer op hûs en skoalle yn.

Sa farre de fiskers de Noardsé yn. 't Is bysúnder: de hiele dei steane der twirren op 't wetter, de joune as hja op it skolfjild binne is it blakstil. Nei âlderwenst sette hja

dêr de netten út. Mei 't hja in ûre ef trije tiid dien hawwe, helje hja de netten wer op. Den is 't nacht en hja bigjinne wer to silen. De loft stiet min om 'e Súd, der wirdt tocht, der kin wol stoarm út it Súdwesten komme. Mar ynpleats det de wyn Súdlik wirdt, lûkt er al mear nei it Westen. Det hy wirdt op 't lêst hast Noard, en de eangstme bigjint de fiskers oan to slaen. Hja lûke de fokken del en dêr falt de stoarm der yn. Wyld en ûnstumich mei snie en rein en heilsach yn de neare tsjustere nacht. De sé bevet. De skippen reitsje forsille.

Skipper Anne Boates Groen, oan board mei syn trije soannen, Jan, Hille en Klaes en de feint Tiede Groen, bigrypt det er op 'e hichte fen it Wierumergrat is. Dêr wol er yn op, mar der is gjin smeet op om it skip sels mar in bytsje swaeid to krijen. Einlings reitsje hja der yn op, efterstefoar. Alle ballêst bringe hja foar yn 't skip, den leit it op 't stevichst.

It is nou de moarns om in ûre ef saun. Hja eagje nei hjar maten. Fen de 22 aken binne der nou mar 12 mear yn 't sicht. Nou komt it freeslike. In lyts eintsje fen Groen syn aek ôf teart in oarenien oer 'e kop. Wyld gejammer oer 'e golven. Noch ûnstumiger wirdt de sé. Dêr teart wer in aek om, nou deun by Groen sines. Hja sjugge de bimanning flak foar hjar eagen forsinken yn de golven. Wilens binne hja deadsbinaud, de omkearde aek scil tsjin hjarres oanbotse, den binne hja ek forlern. Krekt rôdde hja it om vrij fen it omsleine fartûch to bliuwen.

Wer slacht der ien oer 'e kop. 't Is Hindrik Pilot sines, en dy syn soan Willem dy't dêr yn 'e weagen wei wirdt is trouwd mei Groen syn dochter. „O, ús Aeltsje!” hwent....

En al mear hawwe itselde lot. It binne allegearre famyljeleden en neije frjeonen dy't dêr wrakselje mei de dead.

„Jonges, ik moat nei 't foarunder, hâld jim jim hjirboppe mar goed.” En skipper Groen giet nei 't foarunder. Dêr bidt er, dêr wrakselt er mei God, lyk eartyds fader Jakob by Pniël.

Boppe giselt de bare sé. „Jan, hâld dy fêst!” roppe de broerren. In greate golf gjalpet oer it skip. Jan wirdt der suver ûnder biditsen. „Wei!” sizze de broerren, dy't hwet greater binne en gaedlikester steane. O né, lokkich! Jan stiet noch toplak, hy hat him mei alle macht oan it foarskip fêstklampt.

Skipper Anne komt wer boppe. Ut syn gesicht is alle eangstme weiwirden. „Jonges, it komt goed mei ús! Wy moatte moed hâlde.”

Hja litte it anker sinke. En ja, it fynt groun. En it hâldt it. Wyld dinet de aek noch op en del, mar einlings, einlings bidarret it en hja kinne it anker lichte. Der is net ien aek mear to sjen.

Op 'e kust by Wierum komme hja oan, en de joune kinne hja feilich oan wâl gean. Den op hûs yn. It waeit noch stiif, mar fen wit-hwer kinne hja it gejammer fen frouljue en bern boppe de wyn út hearre. Dy steane op 'e dyk en sjugge ho't nou fen de iene, den fen de oare aek in stik nei de wâl taspielt. Omslein, en de bimanning hat de dea yn 'e golven foun. O, dy earme widdouwen en wezen dêr yn wylde rouwe, by de teisterjende wyn en de woedzjende sé....

Is Groen syn aek de iennichst-oerbleaune? Né, noch fjouwer binne úntkommen, dy lânje oan op 'e Skâns (Eastmahorne). Sauntjin aken binne forswolge. Fjouwer en tachtich man binne der yn sé bleaun.

Sauntjin aken — ien dêrfen is noch hwet oer to sizzen. Op det skip fear Germ Basteleur mei syn heit, in omke, in broer en in neef. De jous om tsien ûre binne dizze noch fier sé yn, boppe it Eilân (Skiermûntseach) út. Wyld

beart de stoarmwyn. Oan silen is gjin tinken mear. 't Skip harket nei gjin roer. Ek Germ sjucht it iene skip nei it oare omtearen. De oerdeis om healwei trijen driuwe der mar trije skûten mear. Dêr nimt in greate golf Omke mei yn sé, in twadden ien smyt him wer flak by it skip. Hja kinne him gripe en bringe him wer oan board. Omke kin net mear boppe bliuwe; hy fielt him sa raer en giet nei it foarunder. Hy is dêr noch mar krekt, dêr slacht de blazer fen hjar bûrman oerside. De seilen lizze op it wetter en dochs forhellet hy it wer. Mar in greate golfrypt it skip en smakt it efteroer yn 'e djippe. Wei.

Nou binne der mar twa skippen mear. Hokker is nou oan bar? Wol is de wyn yn 't fallen, mar de sé is noch woest.

Germ giet nei 't foarunder om nei Omke to sjen. En den.... Germ rekket bûten westen. As er wer bykomt stiet er oan 'e mil ta yn 't wetter. 't Is piktsjuster om him hinne. Al gau fornint er det Omke by him is.

„Binne jo dêr, Omke?”

„Ja, Germ.”

„Ik tink det wy kan-tele binne.”

„Ik tink it ek.”

Germ kriget wer in bytsje moed. Scoe 't net bislaen kinne det se troch it Fryske Gat driuwe koene en den gau oppikt wirde?

Mar Omke hat net folle hope. Hy fielt him sa siik, sa raer, det eroan gjin redding mear tinkt.

Sa dobbert it omsleine skip in setsje foart.

Dêr, hommels, in geweltige skok. Alles knapt en



sa siik, sa raer, det eroan gjin redding mear tinkt.

Sa dobbert it omsleine skip in setsje foart.

Dêr, hommels, in geweltige skok. Alles knapt en

keaket. It túch is tsjin de groun oan rekke, de greate mest knapt ôf. Hja komme dos tichter by 't strân, tominsten by de úndjipten. Hwersanne? Hja witte it net. Mar tinke fen by 't Eilân.

It skip boarret him hwet langer hwet djipper yn it sâñ. It wetter stiigt heger en heger yn 't foarûnder. Germ bisiket it om hwet hegerop to kommen. Einlings fynt er in dwersbalke, dêr't er mei earmen boarst op leune kin. Omke lykwols is al sa min, det er net mear yn 'e hichte komme kin. Germ docht syn bêst om him noch boppe wetter to hâlden. Einlings blykt it him, det Omke him yn 'e earm stoarn is en hy lit it lyk troch it iepene stik fen 't foarûnder yn sé glide. Det wier de jouns om acht ûre hinne. En de hiele lange nacht is de earme fisker dêr lykme allinne yn it omkearde skip. En det skip arbeidet him hwet langer hwet djipper yn 't sâñ.

Wer wirdt it floed. De man kin mar kwealk de holle mear boppe wetter hâlde. Den komme der tûzen stjirkes foar syn eagen en rekket er bûten westen....

Mar hy komt wer ta bisinning. Hiel syn lea is him pynlik. Bynammen it boarst, dêr't er mei op 'e balke leit.

Den komt de ebbe en is de kâns fen fordrinken wer lytser. It skeelt oars mar in sierke, in misstab by de iepene kajút del en hy scoe yn 'e úngroun weisinke.

Hûnger kriget er en toarst. Hy hat nou ek al sa'n set foarby fen iten west. En den dy ynspanning. Hy skaeit mei de hân oer 't wetter om en ja, dêr fynt er hwet. Hy hellet it nei him ta en stekt it yn 'e mûle: it helpt him, hwent it is in stikje smoar. Hy kôget der op om en dochs kin er net troch de kiel krije....

Fen 't eilân ôf hawwe hja opmirken det der in aek op 't strân sit. Hwent Germ is mei syn omkearde aek by Skiermûntseach oankommen. Hja geane der op ôf. Gjin bysunders, allinnich in omkeard skip. Hja binne al to

riede om wer nei hûs ta. Né, hark!.... gûds fornemme det der yn it skip kloppe wirdt. Hja sizze it tsjin de oaren. Nou is 't stil. Né, dochs!.... dêr wirdt wer kloppe. Den klimme se op it skip. Germ fornint it. „Hijla!” ropt er sa lûd as er kin, „hjirre, hjir bin ik. Hwa binne jimme?” Hy forstiet it andert net, mar hy bigrypt al det men him heard hat. Hwet in útrédding! Hommels komt de hope wer yn syn herte. Hwent dêr skean boppe him biginne se to kapjen.

Hy ropt hiderkearen wer. Hwent hy fornint: hja binne noch op in forkeard sté. Dêr boppe it iepene diel fen 'e aek scille hja him der net útkrije kinne.

Einlings — dêr bigoun it kapjen flak boppe syn holle. Dêr binne se der troch. Der komt ljocht, earst in lyts skreefke, den it folle deiljocht: Germ sjucht de blauwe loft wer boppe him. De eagen dogge him der earst sear fen, mar fen blydskip hat er dêr neat mei to dwaen.

De ridders hawwe iten for him meinommen. Hja stekke him in broadtsje ta. O, hearlik! Mar hy kin it er dochs net trochkrije. Syn mûle wegeret him de tsjinst.

Greater en greater wirdt it gat boppe syn holle. Hja scille him fen boppen wei der útlûke. Mar det wol net, hy kin sels neat mear meihelpe. Dêr lit in fikse jongkeardel him ek yn 't foarûnder sakje. Dy tilt him op. Nou kinne de oare beide ridders him oankrije.

Dêr stiet Germ wer op syn skip. Mar hy kin de iene foet net foar de oare krije. Dêrom draecht men him op it droege.

Det is de Woansdeitomoarns om tsien ûre hinne.

Om toalve ûre hat er droege klean oan en is er fierder forsoarge. Hy komt wer hwet ta himsels. Nou kin er ek wer ite, en it smakket him hearlik.

Mar it is earst de oare deis, nei't er him flink útslipt hat, det er ta it bisef komt hwet for in forskriklike

ramp it Moddergat troffen hat. Syn eigen tastân hie him det bilet.

* * *

Wis, dy ramp is forskriklik en tige fen gefolgen. Liken spiele oan en wirde bigroeven. By ider lyk in heftige needgjalp. Noait is der sa hwet sjoen en heard op it rëstige tsjerkhoff. Gjin femylje dy't net troffen wirdt. Fen ien man binne fiif sweagers yn sé bleaun.

O, dy omkear! De Sneine fen to foaren wier it jongfolk noch tige útlitten; fammen hiene dounse fen maitydswille. En nou komme hjar feinten nea libben werom. It taest hjar oan. Mar der binne ek güds, dy't hjar libbenswize foroarje en foartoan dimmen en sedich hjar paed geane.

Fen it doarp Peasens is der ien aek forgien. Twa broeren en in heit mei twa soannen fearen der op. Liuwe Koudenburg hjit de iene. Wiken neitiid kriget syn widdou in soan, ien dy't nei syn heit neamd wirdt, mar noait op ierde syn heit sjen scil. En de widdou fen Willem Pilot kriget in famke: Willemke. Ien dy't yn letter dagen sa graech nei heite dwaen en litten freegje mei.

Spiele de liken allegearre oan? Né, lang net. Sechstjin wike neitiid hat Germ Basteleur al wer in setsje oan 't fiskjen west. Dér driuwt hwet. It is in lyk. It wirdt oan board helle. En as er it goed bisjucht, merkt er it is it lyk fen syn eigen broer. En in wike neitiid komt der tyngé út Borkum, dér is in lyk oanspield. Den blykt it, it is det fen syn heit. O, dy sé....!

* * *

De tiding fen de ramp giet troch it hiele lân. Yn Ljouwert en Snits en rounom is der oars hast gjin praet as oer de forgiene fiskersfloat. Thomas Sinia fen Ljussens skriuwt der in gedicht oer. De dûmny's bringe de ramp op 'e stoel.

Mar it bliuwt net by praten allinne. Der wirdt ek yn 'e búse taest. Rounom is it kollekte. In Dokkumer leit der hûndert goune for op 'e tafel.

Sa kin der wer in nije float oantúgd wirde. Sa wirdt der soarge for widdowen en wezen. Op dit stuit wirde noch in stik ef fjouwer widdowen út it dodestiids stiffe fûns maintenearre.

It komt wer sa fier det der wer 17 aken sé yn geane; lykwols, ta folle fleur komt it net wer. Hwent it is yn 'e tiid det de stoom him mei de fiskerij bigjint to bimoeijen. En dy kin troch fiskje: by 't simmer en by 't winter en altyd. De skol hat gjin tiid mear om great to worden. Yn 'e oarlochstiid hat det efkes oars west. Do koe de skol wer oanwinne.

It Moddergat hat nou oars gjin fiskerij mear as fen garnalen. En de âlde séljue stjerre út....

11. DE SLACH, DY'T OANKAEM.

Yn 'e stillens fen 'e joun stie de machtige Hear fen Ropta op syn terp to mimerjen. Hy wier den nou kommen op 'e hichte, dy't er yn syn jeugddreamen him foarspegele hie. Wizer scoe er wêze as al syn maten en heger kliuwe as ien fen hjarren. Delslaen, dy 't tsjin him stiene en oan him forbine, dy 't him folgje woene, mar hy sels scoe op in distânsje bliuwe, heech, heech, boppe de oaren út. Hy moast allinne wêze, hy moast allinne stean, den earst kin in minske hearskje. En hy woe hearskje, hearskje yn East-Dongeradiel. Hy hie ommers alle kânsen op syn side. De keizer fen Dútsklân, dér't dit lân oan tabihearde, wenne wittende fier ôf. Hwei hjir úthelle waerd, it bleau

wol biditsen foar de eagen fen it Höf dêr omfierrens.

Dit East-Dongeradiel wier mar in úthoeke fen 'e wrâld, lyk as syn vrou faek sein hie. Mar dy sei it mei in kromke fen dy hege forachting, dy 't in echt-aristokratyske natuer eigen wêze kin. Hwent o, yn dy sêftmoedige Jitta wenne sa'n hege en fynfielende geast en hja wist sa yn in inkeld wird hjar minachting to uterjen oer dingen, dy't for oaren, ek for him, Worp fen Ropta, bigearlik liken. Hy hie by hjar libben altiten sa field, det hja mei hjar tearder ynslach, safollesto wider eachweid hie as hy, de man fen it wird en it swird. En dochs, hy tochte der jimmer mei wemoed oan, det hy hjar misse moast, — nou al forskate jierren laei hja to Mitselwier yn 'e tsjerke bigroeven.

Mei staesje hie er hjar bigrave litten; it moast steatlik lykje: de vrouwe fen Ropta, fen hjarsels in Yntema fen Jarla, hie ek yn hjar dea noch rjucht op hwet greats.

Mar sùnt hy syn sêftmoedige, heechsteande help miste, wier hy aloan fierder op syn eigen dwylpaed foartwannele.

By him waerd alles oanlein op det iene, dêr't er alles by need by opsette woe: macht, macht yn 'e earste pleats for himsels, om dy den letter oergean to litten op Doaitsen, syn iennichste soan en stamhâlder. En as dy den ris in goed houlik die mei in Haringsma fen Holwert, ho heech scoe den syn hûs net yn oansjen stige!

Doaitsen! En dochs wier der hwet yn dy jonge, det him net sinnige. Hy wier to min in Ropta en tofolle in Yntema fen Jarla, syn tearbisnaerdens scoe him tobekhâlder op it stuit, det er tapakke moast. Den scoe hy syn kånsen foarbygean litte kinne.

Yn syn sêfte Jitta hie er soks opkinnen, dêrfor wier it in vrou, dêrfor wier 't ien út it yn syn each ûnevenwichtige Jarla-skaei, en yn Riemke, syn dochter, misstie it ek net, mar mei Doaitsen moast it oars wêze.

Allinne, ien ljochtside wier der oan sa'n karakter. Hy

scoe by it âlder worden net sa gau nei de leije gripe om dy út syn heite hadden wei to skoerren.

Lange, lange jierren scoe hy sels noch it biwâld yn hadden hâlder kinne, en op 't lêst, op 't lêst yn frede lizze by syn Jitta. Hwent hjar hie hy ljeaf hawn mei in wûndere ljeafde. Hja hie him sa nei stien.

En dochs, somstiden koe er der bliid om wêze, det se op middeishichte forstoarn wier. Hja, mei hjar sêft aerd en bigripende eagen, hja koe him en hja wier him oermânsk; hy hie freeze, hy scoe it op 'en djûr net forneare kinne, det se hjar tsjin de hearsksuchtigens fen hjar man stelde, om't, ja, om't hy yn hjar eagen net in hearsker fen komôf wêze koe.

En den it oare wûndere yn det sêfste minske. Ek sy hie mar ien winsk, in hearskerswinsk, hjar fen 't bloed en hjar vrouwêzen meijown: hja woe him bísitte, alhielendal hâlder for hjarsels, ljeavje woe hja en ljeave wirde. Stil en bidêst woe se it geniet hawwe fen it rêtstige libben oan 'e side fen in man, dêr't sy by opsjen koe, mar dêr't se fen winske, det er noch ûnder hjar ynfloed omgroeije mocht ta in better en heger steand minske. Müglik, müglik det hy den yn hjar each bikwaem wirde koe ta de taek, dy't hy him op in makliker wize foarsteld hie yn hadden to krijen.

Hy hie field, hjar scoe de botsing komme kinne en dêr om hie er him, do't er oer de earste smerte fen it skieden hinne wier, safollesto makliker yn syn forlies skikke kinnen. Hie it God sels net west, dy't syn Jitta by him weiroppen hie? Wolnou, syn aerden hie er hâlden, en det scoe er nou bodjaen, heech scoe er stean, heech — allinne!

Stil en yn folle frede laeijen de lannen en pleatsen om him hinne. De lêste strielen fen 'e jounsinne boarten mei it hoantsje fen 'e Moarster toer, det hja glinsterje lieten

mei in readige wjerskyn. Hwet in hearlikheit, hwet in rëst! It makke him for in lyts setsje dochs weak. O, det oangripende fen de machtige natuer!....

Hommels sjucht er op. Hwet nou? Komt dêr de blês oankreupelen, it hynder, dêr't syn soan sa troch 'en dei mei op en út is?

It hynder blesseard en syn soan der net op?

Hy kriget it hynder, kloppet it op 'e hals, sjucht nei syn kreupele poat, dêr't in flôdze fel by delhinget en merkt, ho't it hiele beest mei blood bispat is.

Ho moat er dit toplak bringe?

In freeslik formoeden komt by him op. Scoe Doaitsen....

Daliks ropt er syn feinten.

„Gean mei, sykje rôd, folge de spoaren fen it bloed!" Heazich klinke de widden hjarren tomijtte. Yn in omsjuch steane se mei hjar fjirtsjinnen ré om der op út to gean.

It paed wiist fensels. It binne oeral de bloeddrippen, dy't hjar de wei oanjewe.

En einlings, dèrre, net fier fen Ie, yn dy âld slinke by de rîgele hagebeammen, dêr fine se him, Doaitsen, dea, under 't bloed!



Mei in forskriklike skreau falt Worp by it lyk del, hy tinkt om wetter noch weaze; hy tinkt mar om ien ding: Doaitsen, Doaitsen!

En Doaitsen is dea!

Doaitsen syn lyk leit hjir, skeind, sùnder rjuchterearm en mei dy stek yn it jonge herte.

O, ho freeslik is dit!

Hja tille de deade út 'e sodzen wei en sette him by de trouste tsjinder op it hynder. En sa giet de droevige staesje yn 'e skimer fen 'e hjerstjoun op de Roptastins ta.

Riemke hie alris in pear kear útsjoen nei it weromkommen fen 'e mânljue, dy't sa hommels foart rekke wierne; ek yn hjar herte wier in eang foargefoel.

Mar do't se it lyk seach, it skeinde lyk en dy ôfhoude earm, foel se yn swym, en it dûrre ûren, ear't hja wer bykaem. Hjar broer, hjar greate broer, dêr't se sa mât mei wier, om't er hjar sa boartlik pleagje koe, o! en nou sa!

Dyselde joune waerd it Worp noch oandroegen fen ien fen syn heimlike frjeonen yn Ie, det dit it wirk west hie fen Joeke fen Helbada.

Do wist Worp hielendal net mear ho't er him hâlde scoe. Drôvenis om de dea fen syn soan, mongen mei in gleone haet tsjin syn fijân, toskoerden syn siele.

O, hy hie it dalik op it earste stuit wol tocht, dit scoe it wirk fen Helbada wêze kinne, mar nou't er de wissichheit hie, oermastere de grime him folstein.

En wylst er by it lyk stie yn 'e greate foarkeamer yn it holle fen 'e nacht, dêr't syn vrou ek forstoarn wier, kaem it oer syn lippen, wylst er de fûst omheech stiek: „Dit scil dy opbrekke, illindige moardner! Dou hast my yn it herte stitsen, mar myn wrape scil great wêze! Bloed for bloed! En dines scil ek ienkear streeme, lyk astou myn soan sines forgotten haste!"

En do foel er wer del by it lyk en skokte en skriemde fen smerte.

En wylder stie er op en forwinske it skaei fen 'e Helbada's mei in freeslike flok....

Do dreaud der in kâlde damp oer de ierde en de silveren moanne waerd wei efter in tjustre wolken....

(Foartdérnei hat Worp syn fiján Joeke fen Helbada forslein by Hegebeintum. Mar lokkich is der net altyd fijanskip bleaun twisken dizze beide slachten. Worp syn dochter Riemke troude letter mei Sjûk fen Helbada. En sa is in ein kommen aan it skeel twisken de Ropta's en de Helbada's.)

Ut: It Soenhús. In histoarysk forhael út East-Dongeradiel, fen A. M. Wybenga.

12. DE SÊFTE FLOKKEN FALLE.

De sêfte flokken falle
Ut waes fen wolkems wei,
En dekke ús dûnkere ierde
Elkoarren roerend nei.
De wide lannen lizze
Yn wite winterklean,
Dêr't mânske boereskûrren
As wisse wachters stean.
Sa pleats as beammen bergje
Hjar dûnker stal dêr yn.
En pronkje as toverwenten
Omhongen mei satyn.
Yn 't fiere Westen swevet
It jounsliet fen in toer;
De fine flokken drage it
De hoare fjilden oer.
De froede flokken falle
Sa hoeden en sa tear;
Fêst bringe nou Gods ingels
In tynge fen de Hear.
En oer 'e stille strijtte
It lêste lûd tobrekt,
Hwent Ierde en Al moat swije
Honear de Himel sprekt.

13. DE EIDER.

De eider stapt oer klút en klont

Sa sterk en frij en rom,

En by de einen hâldt er yn

En stjûrt syn gûds hâldom.

De eider wriuwt fen kluten moal

En eidet stoppels wei;

De rook fen de ierde, farsk towoeld,

Giet op syn gongen mei.

It hynder dampt, de eider swit

Fen 't geane oer klút op klút....

De eider sjucht mei stil forlangst

Nei rêt en jountyd út.

14. SISTERKE.

En nou laei it lytse kopke amper yn 'e wite lekkens forside.

„Mem, Saepke wol ús lytse poppe ek graech ris sjen;
mei 't wol?”

Bliid hippele Wypkje nei hjar kammeraetske. Dy stie
al mei smert to wachtsjen.

„'t Mei wol, hjer!”

Dêr kamen se oan, dimmen, foetsje foar foetsje.

Dit wier ek sa hwet blysunders. Bynammen for Saepke.
Hja wier 't jongste bern yn hûs en hie dos gjin lytsere
sisterkes.

„Och, hwet in moai fyn kopke; hèn, de lytse eachjes
forwege al, scoe se ús wol sjen scille? En hwet binne

dat noch lYTSE fingerkes!" en Saepke biseach hjar eigen knûsjes dêr neffens; „dêr kinne wy daliks noch net mei boartsje!"

„Né, daliks noch net", die Wypkje great, „mar mem hat sein, it hâldt net sa lang oan, den kin se al boartsgûd hawwe."

De beide famkes ünthjitten elkoar, hja scoene in hiele heap moai gûd for sisterke biwarje, hwent: „Hja is ús lYTSE poppe, en dy meije wy nou altyd hâlde!" jubele Wypkje. Och, hwet scoe hja dêr altiten mál mei wêze, sei se tsjin hijarsels. Fensels, hja wier sa'n ein greater as dy lYTSE pjut, dat scoe ek sa wol bliuwe; hja scoe goed op hjar passe en sa'n bytsje mem oer hjar wêze.

Mei in sankje stieken de kammeraetskes ôf....

Trije fearsjier letter wier de lYTSE pjut in echte wyldebras wîrden. Hja siet net in tel stil yn hjar tafelstoel. Alle healüren hie hja ljeafst in nij boartersding: it âlde waerd ôfkatte, en mei in saei oan kant smiten. En glûpsk en ündogensk as dy lYTSE eachjes glinsterje koene!

Fen 't sté komme koe se net. Safollesto slimmer stie it, honear hja hjar forfeelde. Den koe dat lYTSE kieltsje him danich oppenearje.

Hie mem hjar op 'e earm, den wierne de lYTSE pak-hantsjes oeral by. Forskate fen Wypkje hjar boarter-spillen wierne al nei de rotfot en noch altyd seagen de brune eachjes út nei mear. Hwet wierne der noch in hopen dingen, dêr't de lYTSE hantsjes net by komme koene.

Mar oars foel der net oer hjar to kleijen. Hja woun oan, it wier in aerdiçheit; as it tiid fen sliopen wier, woe se hjar altiten skoan deljaen; ek waerd se hast altyd mei in goed sin wekker. En hja koe hjar sa tsjin mem oanflaeije as dy hjar pakte....

It is Snjeonoerdei. De bern hawwe vrij fen skoalle. Wypkje stiet foar 't rût. Dêr sjucht hja Saepke oan-kommen.



„Mem, mei 'k mei? Brechtsje hat ús frege eft wy oerdei kamen to boartsjen."

„Daliks noch net", seit mem, dy't it drok hat. „Dou moatst earst noch in pear úrkés op Sisterke passe. Dy wirdt langer sa wyld as in kraei. Mem moat it wirk efter earst dien ha."

't Lytse prûtsje hinget frijhjet. „Hè, hwet forfelend."

„Giest' mei, Wyp?" ropt Saepke foar 't finster.

„Né, mem wol 't net lije!" wrimpen komt it der út.

Mistreastich sjucht Wypkje Saepke etternei, dy't mei hjar njî hoedtsje op troch 't moai waer dounset. En hja moat thûsbliuwe en op Sisterke passe, op Sisterke, dy't

al safolle fen hjar moaije boartersgûd fornield hat. Hwet hat Saepke it den al in ein better: dêr is net in pop, dêr hoecht net oppast to warden en neat wirdt fen aeijen makke.

Grimmitich sjucht se nei de lytse heisterbaes.
Dy hiele oerdeis hâldt se in min sin.

't Is in reinige hjerstdei.

Mismoedich digerje de famkes troch de ruten; it liket dêr bûten neat nei boarterswaer. Hja scille de hiele dei wol yn 'e hûs sitte moatte, der is gjin forwin op hjoed, hat heit ornearre.

Dochs dûrret it net lang ef hja binne al tige oan 't wyldejien. Sisterke yn 'e tafelstoel kraeit it út fen wille.

„Ik moat efkes nei de koken, goed om Sisterke tinke“, seit mem.

„Goed, mem.“

Mem giet foart; de kammeraetskes sitte ridlik gau wer djip yn hjar boartsjen wei.

Sisterke makket alderhânné gibeltsjes yn hjar tafelstoel.

Hja wol foaral goed opnimme hwet der útheve wirdt en hjar eachjes fûnkelje fen wille.

Hja hinget op in stuit sels tige skean. Wypkje merkt it net.

Dêr is 't al sa!

In slach oer 't lyts kopke en dêr leit Sisterke oer 'e flier. Slim ho't se skriemt. O! hwa wit ho sear se hjar doch!

Wypkje sjit der op ta.

Dêr is mem ek al. Dy kriget hjar op en leit hjar op bêd.

„Stil mar, stil mar, ljeave.“

Lokkich, it falt hwet ta. Der is neat stikken. It skriemen bikomt den ek al ridlik gau.

„O, mem, it moeit my sa!“ snokkert Wypkje.

„Tonei better om hjar tinke, hjer!“ warskôget mem.
Mar scoe Wypkje dit altiten neikommen wêze?

15. DE REIS FEN PINKHOF.

To Nijewier yn 'e greate steige by de pomp hat ris in skoenmakker wenne. Baes Doede hjitte de man. It wier in loftige baes. As er op syn skammel siet, song er faek it heechste liet. Hy sloech op 'e âlde skoensoalen om, det it davere.

En learklopjen, dêr mocht er al sa graech oer.

As er minsken yn 'e winkel krije, wier er alhiel op syn dré. Bynammen it foetmitten, dêr't in pear nije skoen it gefolch fen wierne, wier in bidriuwke nei syn sin. „Och, och, hwet haw ik al in bulte minsken by 't foetsje hawn“, sei er den.

En in himmel wyske as er hie, dêr wier de ein fen wei. Yn 'e hûs wier it altyd sa skjin as in nút en yn hjar winkeltsje koe hja de klanten sa snijsum-to wird stean. Hwent de minsken hiene sa'n soarte fen smarwinkel. Det it mes snijde by Doede en Sibbel aan twa kanten; by him op 'e skammel en by hjar efter de toanbank.

Baes wier den ek tige hokfêst. Allinne Woansdeis! Ja, Woansdeis, den wier it krekt eft er de kribel yn 'e hoksen krije. Den rekte er en stinde er en gappe: „Ik kin 't hji net mear goedmeitsje; ik moat der út. It rûkt my hji fierstento folle nei pik en pluggen.“

„Hwet hast' wer yn 'e plasse?“ sei it wiif den.

„Ik moat nei Dokkum ta.“

„Dou al wer nei Dokkum?“

„Nou, sjuch dyn winkelpullen mar nei, der moat nedich wer hwet ynkofte wirde.“

En det wier den ek altiten sa. It sjippefet wier leech; ef it groat wier krap-oan op; ef hja hiene mar twa pakjes Jonköping-lúsjefers mear. Ja, ja, baes Doede hie in goede noas, det moast Sibbel tajaen. Mar hja kaem dochs noch mei in pear ried-jowings. „Goed, mar net to lang to Dokkum bliuwe.“

„Né, ik kom joun bytiid wer thús.“

„En ek net to lang plakke by Hanne Levy.“

„Né, fanke, ha dêr mar gjin nood mei.“ Mar as baes dat sei, wier er altyd sa'n bytsje bidrimmele.

„Ik stean it spil dêr dochs neat“, sei Sibbel.


„Nou, ik kin 't paed altiten wol rjucht hâlde.“

En dat wier ek wier. Hwent baes Doede gyng net to foet lyk as de Nijewierster woartelgernieren, mar hy ried hinne en werom. Net mei hynder en bûgelsjeas, o né! „Dy't mei it hynder op 'e dyk is, is mei syn fijân op 'e dyk“, plichte syn mem altiten to sizzen. Hwent syn mem wier in Blijer, en dy wier altiten wakker oan 't dykjen.

Dochs ried baes Doede mei in sjeas, en wol mei in hounesjeas. Hwent de ljue hiene gjin bern, mar wol in houn. Dêr hiene se och sa'n oanhâld oan. Trouwer beest wier der net.

Dy houn hie hwet in eigenaerdige namme. Dy hie baes Doede sels bitocht.

It hie op in jountiid west, det hja de jonge houn krige



hiene. Baes hie dêr sa'n wille fen hawn, det er dy nachts der net fen sliepe koe. Do rekke er oan 't prakkesearjen. Ho moast dy houn nou hjitte? Gjin César ef Pluto. Dat wierne sokke heidenske nammen. Op 't lêst, om in kertier foar toalven, do skeat him hwet yn't sin. It kaem sa mar ynienen. Lyk as by in dichter. Hwer't hy it sa gau wei hie, wist er sels net. Hommels wist er it — Pinkhof scoe syn namme wêze.

Hy makke it wiif wekker. „Nou wit ik it“, sei er.

It wiif speake ris en troch alles hinne slieprich kaem it der út: „Hwet — witst — stou?“ —

„Wel, ho't ús houn hjitte scil.“

„Nou — dat — kin my — neat skele.“

„My wol, harkje ris, moarnier koe 't my forgotten wêze.“

It wiif wier nou klear wekker. „Ja, hwent dou kinst ûnthalde fen toalve ûre oant middei.“

„Nou, mei ik it sizze ef net?“

„Siz it mar gau en lit my den wer mei rêt.“

Do sei baes Doede fen Pinkhof en do foel it wiif laitsjende-wei wer yn 'e sliep.

Mar de houn hjitte nou Pinkhof en sa bleau er hjitten. De Nijewiersters hiene earst in bytsje de spot mei baes Doede syn Pinkhof. Mar stadichoan bidarre dat. Hwent alle leed went.

Mar al ho goed de ljuetsjes ek op it hounebeest pasten, it bleau in bienbitich kréatuer. Dat siet him der yn, det it in healslachtige wynhoun wier. De minsken seine: „Baes foerret syn Pinkhof mei âld lear en it omskrapsel út it pikfetsje, dêr sit it him yn, det it sa'n meageren skarminkel is.“ Mar baes liet de minsken mar prate.

Do't Pinkhof in jier âld wier, siet Doede ris yn djjippe prakkesaesjes op syn trijepoat. Jonge, hy moast sa faek nei Dokkum ta en altiten platfoets, hy krige syn noct

derfen. Scoe Pinkhof him der net hinne bringe kinne? Wis wol! En hy bigoun der in fleurich wyske fen to fluitsjen.

De foarslach like it wiif earst net to goed ta. „Ik sjuch dy al op 'e rin gean mei dyn hounewein!”

Mar baes woun it pleit. Op in boelgûd koft er for in sunich pryske in âld sjeas. Dy waerd nei Bouke weinmakker tabrocht en dêr ta in kreaze hounesjeas yn 't fatsoen slein.

Klear wier Doede. Earst moast de houn it lûken noch leard wirde, mar do't dat hwet slagge wier, koe baes syn wille hast net op.

Jonge, jonge, hwet snjittere dat redsum nei Dokkum ta. Hy fleach alles foarby det stean bleau, mar ek de foetgongers koene him net heal byhâlde. Sa waerd Doede in trouwe Woansdeisklant.

It wier in moaije foarsimmerdei.

Doede skoude de sjeas út it âld hok, de houn krike syn hounepakje oan. Pinkhof kaem foar de sjeas, en baes sprong mei in hûpke yn 'e sjeas. Dêr gyng it hinne, rinst' net sa hast' net. Och, it gyng sa moai for it lapke.

Alle minsken seagen it spil efternei. Kardel, hwet naeide dy Doede der út mei syn Pinkhof. Yn in geswint wier er oer de Wetsemer tille en foart-der-nei wier er by de Swarte Mosk.

Jonge, tocht Doede, lit my ris oer Ealsum ride. Ik wol dy terpôfgraverij dêr ek wol ris sjen. Hwent it wier krekt yn 'e tiid det heale Ealsum dêr wei fearn waerd. Sadwaende forliet er de pûndyk en jage er de modderreed del, dy't op dat doarp oanroun.

It hie al gâns in setsje droech west, det it wier kleare bare moude op 'e reed. En Pinkhof fleach mar. De tonge hong him ta de bek út. Wolkems stof gyngen efter de hounesjeas omheech, sadet Doede sels der moai skier mei bistoud waerd.

Flak by Ealsum, dêr wier 't: „Hou!” Pinkhof moast ris drinke. Doede sloech him de measte moude hwet fen 'e lea. Hwent, hy siet der ûnder.

De houn wier ridlik gau foarsjoen fen drinken en Doede gyng wer yn 'e sjeas sitten. „Klear, Pinkhof ?” sei Doede en dêr gyng it wer hinne as in kûgel út it kanon. „Hou, Pinkhof. Stadichoan, Pinkhof”, sei Doede, „oars kinne wy aenstouns de bocht net krije, Pinkhof”, en sa wier baes mar oan 't pinkhofskjen, det de terpgravers seagen der forheard fen op.

„Tink om it greate farwetter, Pinkhof, de Peasemer feart, Pinkhof!” rôp Doede.

Hommels, dêr yn 't delrinne fen 'e wei, skeat der in kat út 'e wâl en Pinkhof de kat efternei.

„O”, tocht Doede, „aenstouns noch op 'e rin”, en hy rôp wer fen: „Hou! Hou!”

Mar Pinkhof seach oars neat as de kat, dy woed er ha.

Poeke naem in guït en sprong sa fier er springe koe, midden yn 'e feart. En.... „Plomp!” flak dêr efter oan hiene jy Pinkhof. En de sjeas, mei Doede der yn, naem deselde gier. Poeke swimme, en Pinkhof swimme en Doede? Dy ried en dy swom fen beiden. Sa gûchele it spil op 'e oare wâl ta.

In pear modderskippers stiene stom-forslein dit toaniel oan to sjen, mar hjar jonges dy laken it út: „Nou-nou-nou! hwet in moaije trijekaert!”

Dêr klattere Doede wer by de oare kant op, en wilens hie Poeke gelegenheit om hastich út to fyljen.

Hwa't it measte trille, Pinkhof ef Doede, do't hija wer fêste groun ûnder foetten hiene, is min út to meitsjen, mar det Doede it measte fen de reis fette hie, wier wol dûdlik. Pinkhof skodde him ris goed út, sadet de wetterdrippen, dy't yn 'e sinne glinsteren, alle kanten útstouden, en klear wier dizze Kees. Mar sa koe Doede net.

In skipper bead oan, om him mei in boatsje wer nei de oare wâl to farren en sa ûndernaem Doede for de twadde kear de reis oer de Peasemer feart. Hy waerd ôfset by it plak, dêr't nou it transformatorhokje stiet.

Nou nei Dokkum ta?

Dêr wier fensels gjin tinnen oan.

Ef Ealsum bisjen? Noch minder.

Den mar wer nei Nijewier.

Pinkhof bigriep der neat mear fen. Der woe den ek mar gjin stap mear ûnder komme mei it beest. En Doede waerd sa kåld, hwent hy siet dêr mei syn wiete krous yn 'e sjeas en hja hiene nou each yn 'e wyn op.


Einlings wierne se wer yn 'e greate steige.

Hwet sette Sibbel greate eagen op. „Nou, mar dou moatst ris wer nei Dokkum ta!”

„Ik haw nou dochs net by Hanne Levy west”, sei Doede.

„Mar dou hast al in wûnderbaerlik boadskip dien.”

En do waerd Pinkhof yn 't hounehok trean en Doede op bêd stoppe. En hy krige in waerme stien op 't foettenein.



16. DE STRIID TSJIN DE JARLA'S.

Yn it mids fen 'e fyftjinde ieu stiet yn Dongeradiel in eal slachte mei foarenoan det by in hiel lyts doarpke wennet. It is it slachte fen 'e Jarla's fen Wetsens. Femylje

en meïiens ynfloed hawwe hja to Eastrum, Dokkum, Hanturnhuizen en Birgum.

Hja hawwe ynfloed mar ek — fijannen. Hwent de Jarla's binne Fetkeapers. Det wol sa folle sizze as mei de Skieringers yn tsjok waer to wêzen.

Dochs is Botte Jarla in man fen de frede. Hy winsket rêt yn Fryslân en is dêrom ien mei fen 'e ealljue dy't in forboun oangeane mei de stêd fen Grins. 25 April 1444 wirdt dit forboun sletten.

Mar is Botte foar de frede, hiel oars is it mei syn soan Gabbe. Det is in earste fjuchtersbaes. 22 Septimber 1474 is er to Dokkum. Inkelde fen syn frjeonen hat er by him. Dêr moetet er Ede Hessels Jongema fen 'e Geast. Det is in Skieringer. Rûzje fensels. Slaen. Ede kin 't net hâlde en Gabbe tamtearret him sa fel det er it bistjert.

Mar it bloed fen Ede ropt om wrake. In neef fen Ede, dy't ek Ede hjit en op Eysingahûs op 'e Geast wennet, scil it Gabbe bitelle sette. By nacht fart er mei twa skippen mei de noadige mannen dêr yn nei Dokkum ta. Dêr forbergje se hjar yn in hûs det by de Alde brêge stiet. Sa kin hy alles opmerke súnder sels sjoen to worden.

Dêr sjucht er Gabbe Jarla mei in man ef fjouwer-siif oer 'e brêge kommen. En rimpel is syn wird: „Dêr komme se oan, dêr't ik om kommen bin; nou moedich oan en my efternei.”

Jarla wirdt danich kjel. Hy en syn mannen slagge op 'e flucht nei it tsjerkhof ta, det mids yn Dokkum leit. Ede hjarren efternei. Gabbe Jarla en syn frjeon Sibet Skeltema falle yn syn hadden. Hy nimt hjar mei nei de Geast en slacht hjar yn 'e boeijens. Hja wirde finzen set op 'e Tsjaerdastins, itselde slot dêr't de forsleine Jongema wenne hat. Dêr moatte se gâns in set tahâlde.

Letter reitsje se los, mar de striid twisken de Geast en Wetsens is noch net op 'e ein.

Yn 1488 is Gabbe to Ie. Sieds Botnia, dy't nou op 'e Tsjaerdastins wernet, treft him dêr oan. Wer yn 'e slach. En Botnia syn feinten winne it, en Jarla moat it mei de dea bilizze. Syn dochter Auk nimt hjar det sa nei, det hja it foart dêr nei bistjert.

Gabbe hat yn syn testemint sette litten det syn broer Minne syn erfgenamt fen de Wetsemer bisitting wirde moat. Sa komt dizze nou op 'e Jarlastins to wenjen.

Minne wirdt in man fen oansjen. Grytman oer East-Dongeradiel en ek yn Dokkum hat er gâns to sizzen. Hy docht ek oan polityk.

17 Septimber 1491 wirdt der in forboun twisken Grins en Eastergoa sletten. Minne ûnderteikenet dit forboun for himsels, for Wetsens en Eastrum en ek for Dokkum.

As Minne forstjert yn 1494 werde syn soannen Botte en Emko syn erfgenamen. Botte komt to Birgum to wenjen, Emko op it âlderlike sté to Wetsens.

Sa komme wy yn 1498. It is in bysûnder ûnrêstige tiid. Hartoch Albrecht fen Saksen kriget it yn Fryslân to sizzen. Mar lang alle Friezen kinne det net forkropje.

Yn Julimoanne falt Albrecht, stipeleare fen 'e Skieringer partij, Eastergoa binnen. De measte jowe krimp. Allinne de stêd fen Ljouwert hâldt it in set út. Ek Botte fen Birgum set him to skoar. Hy is Fetkeaper yn ieren en sinen, krekt en allyk as syn broer Emko, en de wyn waeit út 'e Skieringer hoeke.

't Is 22 Juli. Saksysk gesinte Fryske ealljue hawwe in legertsje fen in pear hûndert man op in bien brocht. Dêr giet it mei op 'e Birgumer Jarla los. Botte fordigeneit him sa goed as er kin, mar hy moat it forlieze. Syn stins wirdt ynnommen. Ien en tweintich fen syn mannen wirde nei Snits brocht en dêr op wetter en brea set. Hy sels dielt yn itselde lot.

In pear moanne letter moat Ryntsjemahûs fen Eastrum

it ûntjilde. Dêr wernet ek in Jarla. Gielt, de soan fen Rynk, dy't in broer fen Gabbe en Minne wier. Skelte Tsjaerda fen 'e Geast is de oanfierder.

Ek Gielt moat bilies jaen en ien fen Skelte syn helpers, Teake Heemstra, biset mei syn krychsfolk de Stins.

Nou is de State te Wetsens oan bar. Hwent dêr skûlet it midspunt fen it forset. En dy Emko is in reus fen in keardel, sterk en feardich.

Mei mannemacht giet it op Wetsens los. Mei hjar „bus-sen“ bisitte hja de stins. De mannen, dy't it hûs biwarje moatte, wirde binaud. Hja binne ek mar minmachtich, toalve man. En op it tichthûs hawwe hja it net bigrepen.

Hear Emko sels is net op 'e stins. As Tsjaerda, Hessel en Doeke Martena, dy't hjir de oanfierders binne, miend hawwe, det hja mei Emko nou ris foargoed ôfrekenje scoene, den is it misbiteard.

Mar de fordigeners fen 'e Stins werde der nou net moediger op. Ommers dêr is gjin Hear, dy't hjar oanfjurret om oan it uteste ta fol to hâlden. Hja hâlde mei inoar ried. En it eintsjebislút is: wy scille de stins forlitte. Hâlde kinne wy him dochs net.

't Is nacht. Rounom ierdetsjusternis. Alles slipt, ek yn it leger fen Tsjaerda. Hoeden meitsje de Jarlafeinten de poartedoarren iepen. Hja hiene goed waernommen hwer't de striders hjar deljown hiene. Foarsichtich, foetsje foar foetsje, geane hja it smelle paedsje lâns. En — it lokt. Nimmen hat hwet fornommen. Op 'e dei forspliede hja hjar troch Dongeradiel. Hja binne vrij.

De oare moarns bliuwt alles réstich op 'e stins. Tsjaerda kin der earst net by. Scoe hjir in krychslist efter skûlje? Hja geane op 'e poarte ta, de doarren binne los. Foarsichtich geane hja by 't hiem op — neat forhinderet it hjar. It Jarlahûs is hjarres.

Sa is it forset fen 'e Jarla's tsjin it Saksysk biwâld britsen en de striid ta in ein brocht.

Botte Jarla leit den ek follein de holle yn 'e skirte en swart de ied fen trou aan de Hartoch fen Saksen.

Mar Emko docht det net. Dy swerft om en hat yn 'e earste jierren gjin rest. Letter wirdt det oars. As Botte forstoarn is, om 1510 hinne, kriget er wer in fest wenst . En wol op de Birgumer stins. Yn Wetsens hat er nou neat mear to rikklemearjen, hwent hja hawwe him it eigendom fen it Jarlah us  ntnommen. Det is nou yn't bosit fen de Hartoch fen Saksen yn eigen persoan. En 9 Novimber 1498 hat Wibalt von Schaumborch, ridder en opperbifel-fierder fen it Saksyske leger, it Jarlah us mei syn fierdere eigendommen to lien jown aan Skelte Tsjaerda en de beide Martena's, omdat „hja sokke trouwe tsjinsten aan 'e Hartoch" biwiizge hiene.

De Jarlabisitting is dos in Lien warden, flak tsjin de tinkwize fen de l nsman yn, dy't altyd great wier op it: Wy Friezen witte fen gjin lien to sizzen.

Emko forstjert yn 1529. Hy lit gjin bern nei.

Eelk, de dochter fen syn broer Botte, is de l ste Jarla, d r't wy fen witte. Dizze trout mei Minne fen Eminga en wirdt de erfgenamte fen Emko.

It lokt Minne om in diel fen it foarfaderlik erfpart fen 'e Wetsemer Jarla's wer to krijen. Yn 1537 wennet er den ek mei wiif en bern to Wetsens en yn 1541 forstjert er. Syn vrou folget him 16 jier letter. Sa forstjert yn 1557 de l ste Jarla.

Den wennet hja soan Botte, trouwde mei Syts fen Tsjaerda, op de State. Hja forstjerre om 1572 hinne en wurde to Wetsens yn it femyljegr f byset.


Hja soan Minne, trouwde mei Luts fen Dekema, wirdt hja erfgenamt. Gewoanlik wordt dizze oantsjut as „Minne thoe Jarla". As er forstoarn is yn 1598, erft syn neef Pibe fen Eminga de Jarlastate.

Ien fen Pibe syn pakesizzers, Tekla Maria fen Aggema,

troud mei Wibrandus de Laignier, is de l ste leat  t 'e Emingastamme, dy't it Jarlah us yn eigendom hat: hja reitsje aan legerw l en hja krediteuren werde yn 1689 as eigeners oanjown.

Sa is de gl ns fen 'e Jarla's yn Wetsens forgien. Wy fine hjir oars neat mear as it terpke, d r't de stins op stien hat, — nou mei in boerespil der op, — in  fstreaming, dy't Jarlasleat, by  s forbastere ta Jellegat, neamd wordt en de „Grytmanslannen" ticht by it  lde st .

Dochs kinne wy  s hjir yn stille jounen sa goed yn dy foarige tiid forpleatse, as de hinnegeande dei  s tinken docht aan de tiden dy't foarby binne.



17. BOPPE, UTKOMST.

Op in hege terp, twisken de s dyk en it doarpke, det sa sm k forskule leit twisken de beammen, sadet jy fen fierrens oars net sjugge den it boppestik fen de  lde stompe toer, mei de forgulde hoanne, stiet in  ld, heech h us, mei in lyts sk rke der efter.

Fen fierrens kin men wol sjen, det det hûs dêr yn't foarige sa net delboud is. Utsûndre it lytse skûrke, det der yn de lêste jierren efter boud is, is it in âld spiltsje, det grif wol langer as trijehûndert jier stien hat. Dodes-tiids is der in hiel great boerespil del set, mei in ûnbidich greate en hege skûrre.

Alde minsken út it doarpke witte noch wol, det dêr op 'e terp sa'n great spil stien hat. De lêste boer, dy't der op wenne, nou sa'n foech fyftich jier forlyn, hawwe hja noch skoan kend.

Somliken fen dy âldtsjes hawwe op dy pleats tsjinne as boerefeint ef faem, ef hawwe der fêst arbeider west.

Den wennen se yn it arbeidershûs, det noch in eintsje fierder de reed út stien hat, dêr't noch in mennich âlde beammen steane om in lyts stikje lân hinne, det nou noch altiten it „âld hûssteed“ hjit.

In hiel great boerespil hat it west, it aldergreatste út de omkriten; mear den twahûndert pounsmiet lân hearder by, en de boer, dy't der op wenne, wier de rykste boer út de hiele gemeinte.

Mar yn't lêst fen de foarige ieu, twisken achtjinhûndert tachtich en njuggentich, gie it mâl mei de boeren yn Fryslân. Jier op jier wierne de gewieren sa min as it mar koe, en de fruchten fen it lân brochten ek noch neat op. Ien foar ien giene de boeren oer 'e kop. Hjarren lannen en hjarren hiele reau en bislach waerd for skild forkoft; inkelden fen hjarren waerden arbeider op de selde pleats, dêr't se foartiid boer op west hiene, oaren strûpten nei Amerika ta, om dêr yn de wyldernisse wer opnij to bïginnen.

Sa gie it ek mei de rike boer, dy't op dizze pleats wenne hie. Hy wier de alderrykste, mar dochs ien fen de earsten, dy't oan leger wâl rekke. Det wier for in part mei syn eigen skild. Hy hie in hiele stål fol prachtige

hynders, allegearre fen dy moaije Fryske hirddravers, dêr't er sé en lân mei ôfreisge, om der op de greate hirddraverijen prizen mei to winnen.

Sa gie it oan beide kanten forkeard. Dy hirddraverijen kosten in slompe jild en op 'e pleats gie it ek net altiten goed. It Hollânske sprekwird seit net forgees: „Het oog des meesters maakt het paard vet.“

Sa siet yn koarte jierren de rike boer yn greate earmoede. De pleats waerd forkoft, en stoude, lyk as do hast altiten barde, útinoar, det wol sizze: elts koft der in stik lân fen.

De boerehuzing waerd biskreaun troch in bakker út it doarpke, dy't noch wol hwet sinten hie. Dy bakker wier in strykjildskriuwer, sa'n ien, dy't hast op alle forkeapings komt, mei it doel om de heechste skriuwer to wêzen. Wirdt it den letter wer forhege, den hat er moai hwet sinten fortsjinne; dy sinten, det is it strykjild, en de man, dy't sokke sinten opstrykt, is in strykjildskriuwer. Mar sokke strykjildskriuwers hawwe fensels ek de kâns, det der net wer op bean wirdt; den hâlde se, hwet se biskreaun hawwe. Det neame de minsken den „in bolle“.

Sa gyng it de bakker ek mei it biskriuwen fen de boerehuzing: hy bleau der oan hingjen. Nou't de pleats útinoar gyng, koe net ien hwet mei det greate boerespil, en sa krige baes bakker de huzing, in grouwe bolle.

Mar baes bakker lake hwet om dy „bolle“. Hy liet de greate skûrre der efter wei brekke, en ien fen de greate foarkeamers waerd in lyts skûrke fen makke, en do't de ôfsbraek fen de skûrre forkoft wier, koe de timmerman dêr sahwet mei bitelle wirde.

Sa krige de bakker in moai gernierspiltsje mei aerdich hwet lân der om hinne, hwent de greate pleats stie op mear den trije pounsmiet lân. Hy liet it moai yn oarder meitsje. De beammen yn de greate mantel waerden kappe,

alles waerd omhakke, en de stiennen der út helle, en in pear jier letter stiene der moaije fruchten op it hoarnleger, dêr't de skûrre, it weinhús en de beammen stien hiene, en dêr't de rûchskeorne sitten hie.

Do't alles yn oarder wier, hong baes bakker it spiltsje to hier yn 'e skearwinkel. In pear dagen letter wier it al forhierd oan in arbeider út it doarpke for in goede hier.

Sa krike baes gjin skea, mar foardiel fen syn „bolle”.

Jierren lang wenne de selde man op it spiltsje, en makke it dêr goed; de tiden giene aerdich foarút. De bakker, dy't it spil hast forgees krike hie, frege net in hege hier, en do't, jierren letter, yn njuggentjinhûndertfjirtjin, de oarloch útbriek en alles ôfgryslike djûr waerd, makke de hierder op it lytse spiltsje jild as wetter.

In pear jier letter kaem de bakker to forstjerren. Syn dochter, dy't mei in lapkekeapman trouw wier en to Ljouwert wenne, erfde it gernierspiltsje, en sa krike de hierder in nijen lânhearre, en net sa'n nosliken ien, as baes bakker altiten west hie.

Det fornaem de hierder, do't er it spiltsje wer op in nij ynhiere moast, en nou net mear mei baes bakker prate koe, mar nei Ljouwert ta moast, nei de lapkekeapman.

It wier op in Freedtojoun, det de hierder yn 'e greate winkel yn Ljouwert kaem om de hierder to bringen, en wer op in nij to hieren as it koe.

Mar det like mar wol sa nuver.

De keapman, dy't suver gjin forstân fen sok spil hie, feegde der sa healwiis en nuver yn, det de hierder alhiel kûgels ta de doar útroun.

Sa like it wol, det der sa mar in ein komme scoe oan it boerkjen fen de earste hierder fen baes bakker syn „bolle”.

Noch in eintsje fierder de modderreed út, op ien stik

lân nei, oan de sédyk, stiet in hiel âld, lyts arbeidershûske. It is in skeansakke, âld wentsje, det yn it doarpke de namme hat fen „it kastiel”.

Inkelde minsken miene, det dêr op det steed, yn 't foarige, in kastiel stien hat, mar det is sa net. It hat dy namme to tankjen oan syn âldens en boufalligens.

Yn det hûske wernet Theunis Rypstra. Theunis en Sjoukje, mei acht bern.

It is in tige earme hûshâlding, binammen de lêste jieren. Der sukkelje hast altiten gûds fen de biwenners fen it „kastiel”. Ien fen de famkes leit al hast twa jier oanien yn it âlde tsjustre bêdsteed yn de hoeke fen de keamer. Hja moast al lang yn in tintsje west ha, mar det kin net, hwent om hûs en hear hinne is allinne mar in lyts paedtsje det de minsken der omhinne komme kinne; mear romte is der net, en in tintsje kin der den ek nearne stean.

Dochs binne dizze minsken noch bliid det se ûnderdak hawwe. Dit âld hûske docht net sa'n hege hier en in better hûs, as se it al krije koene, scoene se dochs net bitelje kinne.

't Is Woansdeitojoun twisken seizen en saunen.

Boppe de sédyk stiet de sinne noch yn folle gloarje. Greate goudene strielen sjitte nei ûnderen en wirde efter de sédyk wei. It liket sa fen fierrens wol, det de sinne op peallen stiet.

Mei greate stappen, de strieën hoed yn 'e hân, rint in menhear de lange modderreed út nei it lytse hûske ta.

De bern fen Theunis en Sjoukje, dy't by it hûske op de modderreed boartsje, sjugge wol hwet oankommen, en mei de hinnen boppe de eagen digerje se de reed út, om to sjen hwa't it is. Hja hawwe wol yn 'e rekken, hwa't it is, dy't dêr oankomt, en efkes letter roppe se den ek for de lytse rûtsjes: „Mem, dêr komt master al oan!”

As wylden fljugge hja master tomiette.

Alle Woansdeitojounen komt er dêr, om ris efkes to sjen by it sike famke, det by him yn 'e klasse heart. It is noch mar in wike ef fjouwer forlyn, det er hjir master warden is. Hy kin yn it romme fjild en yn it doarp noch lang al synlearlingen net fine, mar hjir komt er alle wiken.

Efkes letter rint er troch it smelle, lege gonkje, det as in ôfdak tsjin it hûske oanboud is. Hy moat de holle bûge, ek as er yn 'e keamer komt, hwent it is dêr leech ûnder 'e balken en master is in hiele lange man.

Alderearst rint er nei it bêd fen synlearlinge, dy't, mei hege kleur op it antlit, de hantsjes nei him útsteekt.

It famke wirdt der net better op, master sjucht it wol, as er it heal-tsjustre bêdsteed yn digeret. Ho scoe it ek yn sa'n hol! Sône minsken kinne der net iens tiere, lit stean fen sike.

„Och, och, Sjoukje, hwet binne jimme hjir dochs lyts bihuze", seit master. Hy hat it noch net ienkear sa goed sjoen as nou, nou't alle bern yn 'e hûs binne, en om him hinne steane.

Sjoukje stjûrt ridlik gau de bern der wer út; it is nou moai waer bûten, en noch efkes, den is it bêtdiid.

„Ja, master", seit hja den, „mar koene wy hjir noch mar bliuwe. Wy moatte der ankom Maeije ek noch út."

„Soa", seit master. „Nou, minder plak as hjirre kinne jimme grif op de hiele wrâld ek net wer fine, tinkt my."

„Nou", seit Sjoukje, „wy scoene hjir wol graech bliuwe wolle, master. It wennet hjir net djûr, en wy binne mei ús tsienien."

Master knikt. Ja, hy bigrypt it, sa is it ommers; minsken lyk as dizze, dy't breanedich in oar hûs ha moasten, fral dizze mei sa'n siik bern, moatte tofreden wêze mei de âldste hoalen lyk as dit ien is.

Efkes letter komt Theunis thús. Hy hat nei seizen nei it doarp west; dêr scoe mei Maeije in hûske leech komme.

Mar Sjoukje sjucht wol, as er wirch op 'e stoel delfalt, det it in forgéze loop west hat.

„Wer mis?" freget hja.

„Ja, wer mis", seit Theunis. „Wy scille wol op 'e dyk tolânne komme, ef yn in hok ef sa hwet."

It giet master kâld oer 'e lea; hwet hawwe dizze minsken al in striid yn it libben.

„Jimme binne dochs ek wol nedich hjir wei, tinct my", seit er. „Jimme moatte better hûs ha, in hûs lyk as ik hjir foarby kommen bin op 'e terp, det moasten jimme nedich ha."

„Ja", seit Theunis, „master kin it wol moai sizze, det wier wol hwet for ús; en it scil ek forhierd wirde, ha ik niis yn it doarp heard. Mar sa'n hûs hoege wy net om to tinken. As wy in dak boppe de holle ha, moatte wy al bliid wêze."

„Der is dochs wol ien, dy't jimme helpe wol, fêst?" freget master.

„Né, master, dêr is gjin tinken oan", seit Theunis.

„Nou, den is it dochs net bêst", seit master, wylst er oerein giet. „Det scoe ik dochs ris bisykje, tocht my."

Mar Theunis skodhollet. Is him jouns net it lytste hûske yn it doarp wegere? Hwa scoe him helpe wolle ta sa'n great hûs, en den noch wol mei trije pounsmiet lân der by?

Mar master skoddet him de hân. „Mar moed hâlde, Rypstra", seit er, „boppe is útkomst."

Den jowt er synlearlinge, dy't mei hege kleur op bêd leit, de hân, en stapt de reed del nei it doarp ta.

De útkomst kaem gauwer, as Theunis tinke koe.

De hierder fen it lytse gernierspiltsje, dy't sa likk út Ljouwert weiroon wier, woe net langer ûnder sa'n healwize lânhearre stean, en strûpte unforwachte in pear dagen letter nei Dútslân ta.

Sa kaem der in bêst hûs leech, mar Theunis tocht der net aan det det hwet for him wêze scoe. It minste hûs wier him ommers wegere!

Mar master siet net stil. By de moalkeapman, dêr't hy ek gauris kaem, praeitte er oer Theunis en syn need.

„Kinne Jo det hûs net hierre for Theunis?” frege er.

De moalkeapman skodholle. „Det wirdt in ûndernimming, master. Dy man is sa earm as in wjirm. Witte Jo wol, hwet dêr oan fêst sit?”

Né, det wit master net; hy hat gjin forstân fen gerickerij.

„Wol trijehûndert goune!” seit de moalkeapman. „Dy man moat net allinne it hûs ha, mar it lân moat ek sied yn!”

Dy selde jouns riidt master noch nei syn âlden ta, dy't yn de Ljouwerter Skrâns wenje.

En as er werom komt jowt er de moalkeapman twa bankjes fen hûndert goune.

„En nou dogge Jo it oare?” freget er.

De moalkeapman knikt. Ja, nou kin hy der min for wei. In pear wike letter is it forhierung.

De moalkeapman wirdt de heechste bieder, en as de forhierung ôfroun is, stappe master en hy de modderdyk út nei it „kastiel”.

Theunis is forslein, as er de blide tyngé heart. Mar den wirdt er der sels bang fen.

„Ho scil ik it lân yn't sied krije?” ropt er, as er oer de earste blidens hinne is. „Ik haw ommers neat om by to setten!”

„Det komt wol klear, Rypstra”, laket Master.

In pear dagen letter is Theunis al forfearn en hakket op it nije spiltsje syn lân om.

Snjeontojouns bringt de moalkeapman syn wikelean.

De oare Maitiids riidt de moalwein de sprute earpels

nei it lân en Theunis syn wyfke leit se hoeden yn de gatten, dy't Theunis makket.

Oan 'e Sûdkant fen it hûs, ûnder de kastanjebeam, leit it famke yn in tintsje.

„Switserlân”, seit dokter, as er it hiem opriidt om nei syn pasjintsje to sjen.

Twa jier letter is it tintsje der wer wei; it famke is soun.

En yn dy twa jier is Theunis lyk worden by de moalkeapman. As er de lêste skild ôfbitellet, en mei triennen yn 'e eagen de moalkeapman bitanket, den seit de moalkeapman: „Hâld op, man. Jo hawwe Jou lok net oan my, mar oan master to tankjen.”

Mar master wol ek fen tank net witte. „Boppe wier ommers útkomst”, seit er.

Nou, jierren letter, wennet Theunis noch op it spiltsje. Der is in nije skûrre efter boud, en Theunis Rypstra is gjin gernier mear, mar boer.

It is wer in moai boerespiltsje worden, en op de betonnen homeijepallen stiet mei gouden letters:

B o p p e, ú t k o m s t.

18. IT FORFALTSJE YN 'E KRYPT.

It is yn 'e roerige tiid fen 1577.

In Spaensk hopman hat bifel krije om in stik ef saun acht man fen Dokkum nei Ljouwert to transportearjen. It giet op reis der Spaensk oan wei. Stelle en rôve by it Wâldfolk, it is skandalich. De mountsen fen 'e Skierstins by Feanwâlden hearre fen hjar komst. Hja binne fen itselde gelove, dochs hawwe hja it op dit rûch-rouwe folkje

net bigrepen. Dêrom draeije hja de doar op slot, bringe de kaei by bakker Ynse en stekke sels ôf nei de Geast. Hja achtsje hjar yn it sterke Claerkamp wol sa feilich as hirre.

As de mountsen goed en wol de hakken licht hawwe, komme de Spaensken opdaegjen. Hja foeterje vrijhwet op hjar frjeonen, dy't hjar foar de tadoar komme litte.

Ho nou? Hja moatte dochs hwet yn 'e roppert hawwe! Den mar nei de bakker. Mar dy goede man hat sa krekt syn lêste breaën útsutele.

Hja biginne mei drigeminten. „Is my dit hjar in spil yn dit snotterige Feanwâlden? Wacht mar, wy scille se wol krije!”

Baes Ynse wirdt al hwet oars efter syn kile. Ho scil dit komme?

Mar syn dochter wit ried. „Mannen”, seit se, „dêr yn 'e krypt fen 'e stins leit in gaedlik hertsterkinkje for jim.” „Hwet den?” Bigearich komt it der út.

„Wol, in stik ef fjouwer fetten lekkere beiwyn. Dêr hâlde jim fêst wol fen?”

„Nou, hwet oars!” roppe se allegear tagelyk. „Dêr moatte wy hinne. En dêr yn scille wy, al moat dat hiele âlde rottekleaster ek fen boppen!”

„Dat hoecht net”, seit Akke, „wy hawwe de kaeijen. Ik gean mei en scil jim wol helder to plak bringe.”


Dat liket it folkje dochs ris bjustere goed ta. As in keppel piken rinne hja de bakkersdochter efternei, to-wylst baes Ynse en noch in pear frjeonen op in distânsje folge.

Yn in omsjuch binne hja by de stins.

As de doar fen 't slot is, geane hja nei it lûk, dat oer 'e yngong fen 'e krypt leit. Hjar hat se de kaei ek fen en as hja meiïnoar it lûk ophyst hawwe, giet Akke de trep del. De mannen lizze hjar sjitbossen yn 'e keamer en

stroffelje nou ek nei ûnderen. Allinne de hopman nimt syn snaphoanne mei.

It is hjar gnep skimerich, mar Akke wiist hjar persys it



plak, dêr't de fetten mei lekkers lizze. De mannen yn 'e skrep om de douk út it iene fet to moardzjen.

Stadich trapet Akke efterút. Dêr is se wer by de trep. Nou flucht se mei kûgelsfeart dêr by op en klapt it lûk ticht.

De soldaten sitte fêst. Hja binne forwoedend. Roppe en raze gjin gebrek, mar det jowt neat.

In keppeltsje Feanwâldsters, troch baes Ynse byinoar tromme, stiet by de toersdoar. Gelt de timmerman en Douwe smid komme op 't aljemint. Hja forsegelje it lûk sa goed, det it fen gjin saun keardels tagelyk oplicht wirde kin.

It wirdt jountyd en stadichjesoan sutelje de Feanwâldsters nei hûs ta. Twa man moatte wacht hâlde. Mar dy nachts falt der neat foar. It is sels binearjende stil yn 'e stins. De soldaten hawwe fensels in goed hufke op.

Ek de oare deis fornint men neat. „Hja scille wol in flinke jui yn ha en dêr op 'e keldersflier foar 't anker lizze”, ornearret Ynse. Wer forrint der in nacht.

De folgjende deis noch fen 't selde. Ynse en syn

frjeonen kuijerje alris om de stins hinne en brimme ris in pear kearen. Foar de sjitgatten lykwols weagje hja hjar net. De hopman koe ris in kûgeltsje for hjar oer ha. Dat is net sa min birekkene, hwent as Ynse einlings hwet dryster wirdt en him to fier weaget, is 't ynienen — Pamm!.... In kûgel skaeft him it fel fen 'e skynbonke.

Nou moat der oars rie skaft wirde.

„Helje de tsjerkegoaten del!" ropt Ynse.

„Hwet wolle jo den?"

„Dat scille jim aenstouns wol sjen!"

As de goatten del binne, wirdt der in eintsje dwersgoatte aan fêst spikere, det it in ding wirdt as in earmtakke fen in kachelspiip. Dy earmtakke wirdt foar it iene sjitgatlein, wylst de lange ein fen 'e goatte by de grefte komt to lizzen.

„Nou poezje, mannen! Hjir is wetter genôch!"

En hja oan 't skeppen. It streamde de goatte del en troch de earmtakke it sjitgat lâns nei de krypt ta.

„Sjesa, nou scille hja wol switterige foetten krije", sizze de wetttereasers. En in setsje letter: „Nou steane hja der fêst wol oan 'e knibbels ta yn."

Dêrbinnen wirdt it in lawaei fen wûnder.

„Scoene hja hast bilies jaen scille?" seit Ynse.

En ja: „Genade, genade!" wirdt der roppen.

Hja hâlde efkes opsje. „Earst de snaphoanne!"

Dêr wirdt it wapen troch it sjitgat stitsen, mei de loop foarút. Mar op dy loop hat Ynse it net bigrepen. Dêr scoe sa maklik wer in kûgel út fluitsje kinne.



„Oarsom!" kommandearet er. Dat rint net sa hird.

„Poezje, mannen!" en dêr spielt it wer hinne.

Nou helpt it. De snaphoanne wirdt mei it hânget foarút troch it sjitgat stitsen — de mannen jowe hjar oer.

„Wy scille se der wer útlitte. Mar foarsichtich oan", seit de bakker. „Hawwe jim de touwen al klear?"

Dat is yn oarder, en nou geane se nei it lûk. De forsegeling komt der ôf en it lûk giet yn 'e hichte.

„Nou, mannen, kom der mar út!"

De trep is smel. Ien foar ien komme de snoeken út it wetter. Hja binne klets. Mar sadré binne hja net boppe, ef in pear sterke Feanwâldsters gripe hjar oan en bine se de hannen op 'e réch.

Dêr steane de fordigeners fen 't faderlân as ôspoeijere hountsjes to Feanwâlden op 'e bûrren. Switte, sa ha jy net.

„En nou mar nei Ljouwert, scoe 'k sizze", kommandearret Ynse, „en pas op as jim Feanwâlden al to swart ôfskilderje."

En dêr giet it hinne: sjok, sjok, klets-klets, en it slakkepaed efter hjarren docht útwizing hwet for in snoek de dappere mannen yn 'e Skierstins fongen hawwe.

Heal Feanwâlden docht hjar útaet oan 'e doarpsgrinzen ta en winsket hjar fierders in pleizierge reis.

De oerste to Ljouwert sjucht wakkere nij op as de mannen aeklik en forsutere, mei de hannen op 'e réch, foar him steane.

„Né, mar jim binne keardels! Litte jim jim troch in soadtsje domme doarpelingen foar de kroade ride? Gisele moasten jimme wirde!"

As de Feanwâldsters al bang west hawwe det dizze saek hjar noch wolris sûr opbrekke koe, den hiene se om 'e noct yn 'e freze sitten. De oerste achte it tramme-lantsje to moai om dêr in strafoefening oer to hâlden.

19. LYTSE PITER.


Hy wier hjir by syn âlders
 Noch mar in inkeld dei,
 Do namen 's Hearen ingels
 Syn mem al by him wei.
 Us heit en mem dy namen
 Dat berntsje lyts en tear
 Do soarchsum mei nei uzes:
 Nou ha 'k in broerke mear.
 Wy sjugge 'er alle dagen
 Mei o, sa'n wille nei:
 Us ljeave lytse Piter
 Hy groeit al by de dei.
 Wy hâlde sa fen 't jonkje,
 Fen 't jonkje sûnder mem;
 Wy kinne al mei him boartsje
 En wy fortroetlje him.
 Wis, as er sa hwet oanwint
 Den komt it fêst wol klear,
 Den is it bern mei gauwens
 Gjin lytse Piter mear;
 Den scille wy fortelle
 Oan 't jonkje fen syn mem,
 Dy is nou by de Heare
 Yn 't nij Jeruzalem.

20. DE KNARJEFUGEL.

Hja siet sa stil en iensem,
 Al 't leed kaem op hjar oan:
 Hjar man wier nei de himel,
 Hjar bern wier ier forstoarn.
 Hja siet dêr sa allinne
 By al hjar ierdske skat:
 In lytse knarjefûgel,
 In moaije wite kat.
 Hja prætte tsjin dy beiden
 Oer lang forgiene tiid,
 Dat joech in bytsje wille
 Yn al hjar leed en striid.
 Ho moai dy skimerjounen
 Honear hjar poeke spoun
 En 't fûgeltsje yn syn kouke
 In fleurich liet bigoun.
 Hjar beide frjeonen laejen
 Hjar oan it hert sa nei,
 Dy koene hjar sa treastgje
 Op dizze drôve wei.
 Mar op in kear diich poeke
 In alderfreeslikst kwea:
 Hy fong de knarjefûgel
 En biet it bistje dea.
 De kouwe hie fêst los west,
 Do wier dit stik bigien,
 Dat hie hjar ljeave poeke
 Hjar dierbre knarje dien.
 Hwet skrilde de earme widdou,
 Hwet wier 't hjar herte near;
 Hja skriemde mei hjar triennen
 Hjar âlde eagen sear.

Sa siet se dêr to treurjen
 En aeide séft en tear
 Hjar ljeave knarjefûgel
 Noch oer syn moaije fear.
 Do skynden trije stijren
 Heech oan de himel klear,
 Dy seine: Al dyn lijen,
 Dat wit ús ljeaven Hear.

 Do brochten 's Hearen ingels
 Hjar nei Gods himeltroan;
 En d' oare moarntyd kloppen
 De bûrljue by hjar oan;
 Dêr founen sy hjar lyk noch,
 En as by 't fol forstân,
 De deade knarjefûgel
 Noch yn hjar deade hân.



21. PLEATS.

Hjir yn 'e bocht by wei en feart
 Stiet d' âlde pleats, sa breed as great.

Omsletten fen syn wide gréft
 Bliuwt hy in bield fen eigen kréft.

Hjir op syn Sathe wenne aloan
 De Fryske boer fen heit op soan.

In kening lyk, ryk fen forstân
 Bihearske hy syn folk en lân.

Hjir dreamde hy syn swietste dream
 By 't risslijen fen d' abeeljebream.

Hjir sjucht hy strak syn lêste wei
 Nei 't tsjerkhôf ta troch d' âld homei.

Hjir scil syn pleats noch ieuwen stean,
 Al scille ek slachten hinnegean.

22. DE NEIMAKKE JONKER.

't Is in jountyd yn April 1626.

De túnman fen 't slot Herwey, deun by Ternaerd, hat in beuzige dei hawn. Hy moast hjoed foar en efter wêze, en dêrby dy slachterij fen 'e fet kou mei biroerje. Hy is den ek moai bliid det er him nou rêtich en wol deljaen kin yn 'e briedstoel. Smûk praet er mei Swopkje oer 'e drokten fen de dei.

Hy is nou al in deimannich safolle as Hear en Master op it slot: De eigner, Grytman Douwe fen Aylva, lid fen Deputearre Steaten fen Fryslân, hat syn oanslach to Ljouwert. Dêr moat it der noch al in bytsje aan wei gean, hwent de stêdhâlder, Ernst Casimir, hat in danigen drokte om de bilêstingen op 'e tiid binnen to krijen. Hy helle sels frjemd krychsfolk dêrta yn, bynammen ek op oanrieden fen fen Aylva.

Ho scoe 't nou mei Hear Douwe wêze?

Hommels skrilje de beide minsken op. De houn slacht oan. Jelmer sjucht, ho't de poartedoarren, dy't noch net skoattele binne, iependien wirde, en in faitonnes, mei in brûn hynder der foar, it hiem opriidt. Hy der op ta. Twa man sitte yn 'e faitonnes, in foerman en in ealman.

„Goejoun, hûsbaes“, seit de ealman, „wolle jo Jonker Epema fen 'e Sweach efkes by mefrou fen Aylva oantsjinje?“

„Dat kin net, mynhear!“

„Hwerom net?“

„Mefrou is op Hania-State to Holwert.“

„Och, dat spyt my dochs danich.“

„Kin ik jo mooglik ek fen tsjinst wêze?“

„Nou, ik scoe den yn elk gefal graech efkes by jo útpûste wolle.“

„Dat kin. Kom mar yn.“

De jonker komt yn en de foerman bliuwt yn 'e faitonnes sitten.

Al ridlik gau binne de jonker en Jelmer yn drok petear oer de dingen fen 'e dei. De jonker fortelt yn kleuren en geuren hwet der al sa yn Ljouwert foarfallen is en ho't hy Hear Douwe út it gewelt fen it folk forlost hat. Hy is nou wer feilich en wol by Ernst Casimir oanlânne en hat Epema in boadskip mijown nei mefrou.

De túnman is wakker mei de gemiensume jonker ynnommen en it praet komt op fen alles en noch hwet. Sa hawwe hja it ek oer de ûnfeilige tiid en ho't Japik Geales, in Wâldtsjer, der faek op út is om to stellen en to rôven yn 'e klaeistreken, en det se de stjonkert mar net to pakken krije kinne.

„Hat de jonker wolris earder op Herwey west?“ freget Jelmer op 't lêst.

„Né, ik trof fen Aylva altyd op Hania, en dêrom moeit it my sa tige, det mefrou net thûs is, hwent Herwey haw ik noch noait fen binnen sjoen. Mar it wirdt nou myn tiid. Scoe ik lykwols, foardet ik foartgean, it slot wol efkes bisichtigje meije?“

„Mei alle pleizier.“

Jelmer kriget de kaeijen fen 'e mûrre en hja der togearre op út.

Hja geane fen keamer yn keamer en de jonker is ien en al biwûndering. Mar op 't lêst wirdt er hastich. Jelmer slút de doar en hinget de kaeijen wer by him thûs op 't âlde steed. De túnmansfrou is al op bêd.

Sa steane hja wer by de faitonnes om ôfskie to nimmen. Dêr sjit it de jonker yn't sin, hy hat syn mantel noch yn 'e túnmanswente hingje litten; hy mei haest der hinne om him to heljen.

De faitonnes riidt foart en Jelmer skoattelt de poartedoarren.

Nou wirdt alles stil yn it túnmanshûs.

In goed ure neitiid wordt Swopkje wekker. De houn slacht oan mei boarstend gewelt. Hja oerein en fen 't bêd ôf.

Hwet is dat? Ljocht yn 'e keamer fen 'e Grytman? Den is dêr únrie. „Jelmer, to ju!"

Yn in omsjuch is Jelmer nou ek op 'e lappen. Hy scil it bosk kaeijen fen 'e mûrre krije. Weil! O, en dy kaeijen hongen flak by de spiker, dêr't jonker Epema syn mantel noch yn 'e gauwichheit by weihelle hie.

Scoe.....?

En siet de foerman wol wer yn 'e faitonnes, do't er foarried? Ho wier dat ek hast?

Mar Jelmer prakkesearret net lang. „Swopk, dou de bûrren op! Nei eksteur en syn feinten!"

Swopk is al by de poarte. Mar komt werom. „Dou gietst net allinne nei 't slot, hjer!"

„Stil mar, fanke, ik scil my wol rôdde. Sjuch mar, detst' de mannen hjir krigeste."

Nou stekt Swopk ôf.

En Jelmer — o, hy bigrypt nou alles wol. De saneamde foerman is binnen de grêft bleaun en hat nou for de neimakke jonker de poartedoarren wer iependien. Ja, sjuch mar, dêr by de mantel stiet deselde faitonnes en it hynder stiet oan in beam boun.

Wacht, hy scil dy keardels dêrbinnen ris fen de bok dreame litte. Hy slacht de hûd fen 'e slachte kou om him hinne, hellet in lantearne en nimt for de wissichheit in bile mei.

Sa stapt er op it slot ta.

Súntjes dochter er de foardoar iepen.

Hoasfoetling teantet er de lange gong lâns. Nou is er in lyts eintsje de keamersdoar foarby. Yn 'e keamer heart er fyljen en it rinkeljen fen kaeijen.



Nou set er de hinnen foar 'e mûle en it galmet de lange gong lâns: „Moe—hamoe! Moe—hamoe!” Krekt in kou.

It docht fortuten. Hommels is it folselein stil yn 'e keamer.

Nochris jowt er in mâl gelút en nou wirdt de keamersdoar opdien. Beide mannen komme der útsetten.

En dêr op 'e ein fen 'e gong is 't wer: „Moe—hamoe!” en de kou slingeret mei syn lantearne.

„Ol!” roppe de dieven, „in spoek! in spoek!” en hja stouwe de doarren út. It spoek hjarren efternei.

Hja dogge hjar gjin tiid om nei de faitonnes om to sjen en yn minder den gjin tiid binne se de poarte troch. Yn in draef stouwe se de wei nei Hantum út.

Jelmer laket yn syn fûstje: Dit is dochs prachtich lokt; meinommen hawwe se neat, dat wier klear to sjen. Efkes hat er tiid om út to pûsten.

Foartdérnei is 't allegear drokte op 't hoarnleger. Swopk is weromkommen en hat eksteur mei in pear feinten by hjar.

„Sjuch”, seit Jelmer, „hjir stiet de faitonnes, dêr't se mei kommen binne. De stjonkerts binne yn hjar eangstme hjar eigen reau foarbyflein.”

„Den scille wy hjar efternei!” seit eksteur.

Hja stappe yn 'e faitonnes, en sa hird as de knol rinne kin, giet it de wei lâns nei Hantum ta. Hwent det se net op Ternaerd taset binne, leit foar de hân.

Dêr't de wei de feart forlit en nei Hantum ombûgt, helje hja de dogenietten yn. „Jonker Epema” sjucht om en.... o, dêr sjucht er itselde spoek yn syn eigen reau.

„Ol!” roppe se, „o! tsjoenderij! tsjoenderij! De kweade sit yn ús faitonnes!” en hja binne folselein fen hjarsels.

Yn in omsjuch hawwe eksteur en syn mannen de dieven goed yn 'e boeijens en it spoek stiet der laitsjende by mei syn lantearne. To let bigrypt it ûndogenske twatal

ho't de foarke yn 'e stôk sit. Hja wirde yn 'e faitonnes treaun en nou giet it wer op nei Ternaerd ta.

Foart dérnei sitte „Jonker Epema” en syn foerman goed en wol yn't hounegat. —

En hwet blykte letter?

Dy „Jonker Epema” wier nimmen oars, as dy forneamde Japik Geales, dêr't hy sa smûk mei de túnman oer praten hie.

Hja kriegen allebeide fiif jier vrij wenjen yn't tichthús en hiene dêr alle tiid om ris oer hjar kweade fiten nei to tinken.

Hear Douwe fen Aylva wier earst in bytsje prot op syn túnman, det er him sa maklik ynpakke littent hie, mar hy sei dêr oerhinne: „Jo hawwe dy keardels oars dochs mar prachtich yn rjuchtershannen spile.”

23. DE DREAMER.

De ielreager stiet op 'e dampeal;

De ielreager stiet op ien poat;

Hy tinkt oan de kikkerts fen 't sleatsje

En mimert tomûk oer in moart.

Hy hâldt him by 't rjuchte en it sljuchte,

Hwet skier en hwet skurf yn 'e klean;

Hy hâldt fen in iensum peinzjen,

En kin dêr wol ûren sa stean.

24. RYNKOM SCOE OPPASSE.

Ald Rynkom siet op 'e bûthûsbank. Hy mocht der by 't winter graech wêze. Bûtendoar wier 't goar en ûnljich, hjerbinnen waerm en skoan. Ek hied er in wakkeren wille mei Sytse, de foerders-jonge. Dy beiden sieten elkoar wol gauris yn 'e faksen.

Foar de kij lâns roun de drinkgoatte en it wier Sytse syn wirk dy fol to pompen. De pomp stie op 'e platte stål efter de sketsdoar, sadet Sytse net krekt witte koe, honear't de goatte fol wier, bynammen net om't dy nei ûnderen ta hwet delroun. Sadwaende moast er altomets yn 't bûthûs kypje om to sjen ho fier it saekje foardere wier.

„Siz, Rynkom, wolle jo efkes om 'e goatte tinke wylst ik oan 't pompen bin?“ frege Sytse op in kear oan Rynkom.

„Jonge, jawol, fensels.“

Sytse oan 't pompen. En hy pompte mar raek, wol in kertier oanien. Op 't lêst bigoun it him mar gnap to forfelen. „Hwet drinke dy kij joun in poarsje“, grommele er yn himsels.

Einlings koe er it net mear úthâlde en hy loerde ris troch de sketsdoar.

Hwet in gesicht! De goatte streamde oer en it wetter spelde de ûnderste stallen lâns.


„Wel, keardel!“ spatte Sytse op. „Jo scoene ommers om de goatte tinke!“

„Nou, dêr ha 'k hiderkear om tocht“, sei Rynkom.

„En hwet is det den?“

„Wetter!“ sei Rynkom.

„En jo scoene der om tinke!“



„Och“, sei Rynkom glimkjend, „hy hat ommers sein: ik moast om 'e goatte tinke; oer it wetter hat er net praeet.“

Rimpen krike Sytse de biezem om de ûnderste stallen ôf to feijen, wylst er yn himsels prottele: „Mei sokke âlde bazen is 't altiten oppassen.“

En Rynkom siet noflik op 'e bank der nei to sjen.

25. BEAM ALLINNE.

Der libbet in beam sa allinne,
Allinne yn ús iepene fjild.
Hy hat, wier er earst mar in dampeal,
Syn túken nei boppen dochs tild.

Him heistren de winen fen 't Westen,
Hy swypke nei Noard en nei Súd,
Dochs roun er wol idere Maityd
Mei moedige ranken wer út.

Al stiet men wol dikmels allinne
Yn Fryslâns forgotten fjild,
Dochs koestert ús hegere sinne;
En rûzet de wyn om ús hinne,
Us treastget it liet dat nei Boppen ús tilt.



26. WILFRYD TO WIERUM.

„Den mar nei Rome ta! Moat ik gjin rjucht ha tsjin myn bistrider? Hat Egfryd it hjir den allinne yn Northumberlân to sizzen? Lit him kening wêze, ik tsjinje in hegere Heare. Ik scil de Stêdhâlder fen Christus oandrage op hokfor wize de kening myn ûndergong siked. Ik haw it Wird preke, trou en sûnder ophâlden. Dat koe hy net forneare en dêrom moast ik út myn post set wirde. Mar der is heger rjucht!"

Sa forlit Wilfyrd syn heitelân, giet yn 't skip en stekt de sé yn.

It liket, eft him hjir it lijen ek al net sparre wirdt. Wolkems steapelje hjar op, de wyn hellet oan, dûnkerens komt oer de sé en heech geane de weagen. It stoarmt — fulder en fulder. En it is neare nacht.

It skipsfolk wirdt oerstjûr. „Hwa hawwe wy hjir by ús oan boart? Dizze stoarm hawwe wy to witen oan dy útstritsene bisskop. Litte wy him yn sé smite. Den scil de wyn him wol deljaen." Sa geane se tsjin de Godsman to kear.

En in oarenien seit: „Lit him earst oan God Warn syn skild bilide. Hwer scoe dy nije God nou sitte scille, dy't hy ús preke hat? Né, den wierne ús âlde goaden better. En nou binne se lik om't sa'n bulle Christenen hjarren de rêch takeare."

Mar Wilfyrd giet net for hjar worden út 'e wei. „Bid, ynpleats fen to flokken! Dat scil mear helpe, as tsjin in únskildigenien yn to gean." Den slacht er syn eagen nei 't Easten en sjuch, de earste ljochtstrielen fen de kommende dei bringe him nije hope.

Mar de sé is noch woast. Dêr slacht it skip op 't strân. 't Is tichte by de Kalkman. Ho lang scille hjar it noch úthâlde?

Dy moarns steane de Wierumers de sé oer to stoarjen. Sjuch dêrre, wis, dêr is in skip wrak slein. „Moai, dêr hinne! Hwet de sé jowt is uzes. 't Is it rjucht, dat de kening sels ús bifestige hat!"

En hja geane op hjar skippen. Wursing Ado, hjar oanfieder, foarop. Mei moed giet it op de bút oan. De stoarm is yn't bikommen; de dei kin goed wirde.

Bliid is it folk op it sinkend wrak. Dêr komt help oan. Mar rou klinkt hjar it wird fen de Friezen yn 'e earen: „Jim skip is uzes, en jimsels binne it ek!"

Ho scille hjar? Stride?

Och, it jowt hjar neat, hjar kinne gjin tsjinwar dwaen. Yn in wink binne hjar oermastere en al hwet kostber is, wirdt fen it wrak ôf yn 'e skippen laden.

Oerdwealsk fen blydskeip komme de Wierumers wer thús. Wursing Ado nimt de bisskop mei nei syn hûs ta. Hy is in machtich man. Moedich, mar ek rynsk en rjuchtfeardich. Great, hwent hy hat it yn dizze kontrijen to sizzen oer lân en sé allebeide.

Mar moediger en greater is de man, dy't er him ta slaef makke hat. Wilfyrd is preker; hat er hjir ek net to preekjen? En foarsichtich, mar mei klam komt er mei it ivige Wird.

En Wursing harket. En syn vrou Adalgarde harket. Hwet klinkt dat in stik oars as de leare fen Wodan en Baldur. Hja wirde der stil fen. En stadichjes bijowe hjar ta dizze nije leare.

Sa wirdt yn dizze úthoeke fen Fryslân it Evangeelje brocht. Dat wird sjit syn woartels. It hûs fen Wursing wirdt in formidden fen njî christlik libben. Hjar soan Tiatgrim nimt itselde gelove oan. En letter hjar pakesizzer Ludger. Dy bigjint sels to preekjen en sa wirdt dizze bikerde Fries letter de „Apostel der Friezen".

Dat wierne de gefolgen fen Egfryd syn bistridings en

de stoarm, dy't Wilfryd op sé út 'e koerts smiet. Hwent God biskikt it kweade ta Syn doel. En ta heil fen it minskdom.

27. WILLEBRORD OP HELGOLAN.

Steatlik stevenet it skip oer 'e weagen. Ljocht is de loft en oangenaem it séwyntsje. Fol goede moed is it skipsfolk. Hja scille nei Denemark en noch in deimannich en it doel fen 'e reize is birikt.

De bisskop, dy't meifaert, is ek bliid. Hy bringt it Godlik wurd. Hy scil it ek bringe oan 'e woeste Denen, dy't knibbelje for Thor en Tuisco. En it krús scil it winne, lyk as it oeral it wint.

Mar wolkems en wyn binne gau hinne en wer. Stoarm stekt op en de sé kôket. It skip slacht út syn koerts. It skipsfolk forblikt.

Mar de man fen it krús fortwivelet net. Hwent syn God hat him stjûrd en hy scil it wirk folbringe. Mocht lykwols de dea der yn bigrepen wêze, den scil hy opnommen wirde nei syn Heilân yn 'e himelhichte.

„Wy komme sa nea yn Denemark.”

„Den mar earne oars bilânje.”

De iene fen it skipsfolk fortwivelet, in oaren hâldt moed.

Dêr sjugge hja lân opdaegjen. „As wy dêr ris fen yn 'e lije komme koene!”

Einlings: it lokt, hja binne redt.

Is Willebrord hjir net by de Denen, likegoed kin hy de Friezen it Evangeelje forkindigje. Rounom, dêr't minsken for Jezus to winnen binne, hat hy syn taek.

Hy preket. De minsken harkje. De measteen forspije him. Oaren litte hja oertsjûgje.

Helgolân hat syn hillige God: Forsite neame hja him.

Fen him komt alles hjar ta en dêrom tsjinje hja him. Mar ek syn hillige kij. Dy meije net slachte werde, hwent dêr libje hja fen en dêrom üntsjugge hja dy.

Ek hat it syn hillige dobbe. Forsite sels hat dat wetter syn wijng jown, en hja moatte it brûke by hjar toarst en dêrom oanbidde hja det. Gjin wird mei by dy hillige wellen forwiksele werde en dêrom skeppe hja altiten dat wetter swijende. Sterk sjugge de preesters der op ta, det oan dizze foarskriften, dy't fen âlder op âlder ta hjar kommen binne, de hân hâlden wirdt.

Willebrord is der mei op 'e hichte. Hy scil hjar oer tsjûgje det hjar gelove oars neat is as bygelove.

Hy grypt it mes en hy slachtet de hillige kij. Opdaegjen komme de preesters. „Wé, dûbeld wé oer dy!”

„Hwerom?”

„De wrape fen Forsite!”

„Hwet scoe dy wrape!”

„Dy slacht sa aenstouns jim del!”

„Lit him ús delslaen as er dat kin, mar hy kin net, omdet er net bistiet!”

„Den scille wy wol for him opkomme!” En hja swaeije hjar knotsen.

Mar it folk keart it op. „Né, jimme net! Lit Forsite sels syn wrape nimme!”

En Willebrord giet stil troch mei syn wirk.

De skrutenen skranderje der fen op. „Wy wolle doopt werde!”

Bliid giet Willebrord mei syn bikearlingen nei de hillige dobbe. Dêr sprekt de bisskop de hillige warden.

Bliid komme de Friezen dêr wer wei. Hja scille foartoan Jezus tsjinje en gjin Forsite, hwent dy is neat en kin neat forrijchtsje.

„De dea oer jimme, dy't sprieken by ús hillich wetter!” roppe de preesters.

„Fen hwa?"

„Fen ús God en fen ús kening, hwent ús kening scil ús rjucht dwaen!"

En hja slepe Willebrord for de rjuchterstoel fen Redbad, dy't tafallich op it eilân tahåldt.

Great is de biskildiging: „Hy preket in ûnhillige leare, hy makket it folk ôffallich, hy slachtet de hillige bisten, en hy sprekt rouwe warden by it hillige wetter!"

Redbad stiet yn bistân. Scoe Forsite den noch gjin wrake nimme scille? Hy wachtet, wachtet mei spanning, mar der falt neat foar. Soun en fris stiet Willebrord foar de rjuchterstoel. Dêr docht er syn wird op wûnder oertsjûgjende wize. „As Forsite in God is, lit him for himsels opkomme. Kin er dat net, leau den aan de wierheit fen myn sinding."

De kening kin net oan 'e klam fen dizze warden úntkomme. „Gean hinne", seit er, „ik sjuch det wird en died by jo oerienstimme."

De preesters steane biskamme en Willebrord forkin-diget mei noch follesto mear oertsjûging op it eilân it wird fen it Evangeelje.

28. BONIFACIUS.

Friezen, op, for Wodans eare!
Heil ús Goaden op hjar troan!
Lit ús stride for 't Walhalla:
't Giet gelove en libben oan.
Om ús frijdom is 't to rôdden,
Jow jim oan gjin frjemden oer,
Hwent de tsjinders fen 'e Franken
Lizze lang al op 'e loer:

Bonifacius kaem harren

Ta ús skea en ûndergong;
Lit jim witte det er jîmme
Yn gjin fâlle ef strûpen fong.
Ut de heilge wel by Dokkum
Scil hy dope ús eigen bern;
Litte wy dy feinzert fine,
Oars giet lân en folk forlern."

En hja kamen út hjar klinten,
Swaeiden werden rûch en rou,
Swaeiden mei hjar knots en bile,
Swarden Thor en Wodan trou.
Yn it Easten riist de sinne
Oan in himel read as bloed,
En de woeste Friezen komme
Mei in wrede wrake yn 't moed;
Mar de tsjinders fen de Bisskop
Steane stevich op hjar baen:
„Master, sjuch, hjir binne ús wapens:
Scille wy dy fijân slaen?"

Yn 't formidden stiet de Godsman,
Griis fen hier, mar klear fen each:
„Bern, it wier as fredebringer
Det ik nei de Heidens teach;
Broerren, striid net mei de wapens
Dêr't dit woeste folk mei striidt:
Sterkje jim yn God de Heare,
Hwent Hy wit Syn wei en tiid.
Fjirtich jierren haw ik preke,
'k Brûkte allinne it Godlik Wird,
En det Wird hat wißer wirke
As de swaei fen 't swierste swird."

En de grizert stiet helhaftich
Mei it Godlik boek omheech;
Mar de heidens, sünder earbied,
Slane ta mei feech op feech.
't Kriichsgeskreau klinkt oer 'e lannen,
Wédom weaget oer it gea:
't Heidensk folk yn woeste grime
Stekt sa hear as folgling dea.

En de moardners fen Gods tsjinders
Drinke fen de heilge wyn;
Fen in wylde roes bidwelme
Fálle se op elkoarren yn.
Ut d' omkriten komme Christnen,
— 't Oandien herte skriemt hjar sa —
En hja jeije Wodans tsjinders
Nei hjar hôf en hoalen ta.
Mar al moast de Godsman fálle,
't Heidendom hie him forsind,
Hwent de Friezen learden 't knibbljen,
Hwent it krús fen Christus wint.

29. WER MIS.

Klaes Alles stiet efterhûs by de skûrredoorren de
Mieden yn to digerjen. Hy hat in alderfreeslikst min sin
en sjucht as in lêbbich tsiis.

Hy hat hjoed in ûngelokkige dei. Foar dei en dage hat
hy fen 'e moarn al op it hiem stien to flokken en to
tjirgen. De melkerij wier sa hwet in ûre to let oan 'e
gong kommen. De fêste arbeider, dy't alle moarnen kertier
oer trijen de feint en de faem kloppe om to melken, hie

him in foech heal ûre forsliupt. It kaem him hast nea oer,
mar sa'n inkelde kear — en mei barstend gewelt wier
hy, mei de klean heal oan, de greiden troch flein nei de
pleats ta om de boel der út to jejen. Fiif ûre moast de
môlke klear stean; den kaem de môlke-auto. En as it spil
ek op 'e tiid by it febryk wêze. En as hy foartjage, koe
de boer sels mar sjen, det de môlke to plak kaem, en dêr
gie net allinne in pear ûre tiid mei wei, mar Klaes Alles
hie ek net in geskikt hynder for dy riderij. Hy hie twa
hynders, ien hiel âlde bok, dy't de reis nei it febryk oars
net mear dwaen koe as stappende wei, en de oare wier
sa jong en oerstjûr, det it net fortroud wier om dêr mei
troch it doarp nei it febryk mei al dy gounzjende môlke-
auto's en det forwoedene bossegelach.

Nou hie det oars mei dy melkerij noch wol losroun;
mei hird skreppen en klauwen hiene hja mei hjar trijen
noch de fiif en tweintich kij der foar fiven útstrûpt. Mar
in ûngelok komt hast nea allinne. Do't hja yn't lân kamen,
laei der in kou allinne efter yn 'e finne. Det wier ek gjin
goed spil en de arbeider wier der as de reek hinne flein
om to sjen hwet der oan it bist mankearre. Hwet like det
wer nuvere mâl. It wier in simmerkealder, en hy hie nei
de sleat ta west to drinken en wier miskien mei in stik
wâl yn 'e sleat gliden. Tiden lang hie it bist yn 'e sleat
omwraksele om wer op 'e wâl te kommen. Det hie 't op
't lêst ek rôdden, mar nou laei se mei in dea kealtsje efter
hjar yn't lân. Nou moasten hja de boer ek wol roppe. Hie
dit ûngemak der net west, den hiene hja mei hjar trijen
alles wol rôdde kinnen en den wier de boer fen de hiele
forsliiperij faeks neat gewaer warden. Nou moast de boer
fen 't bêd helle wirde. Det naem ek wer tiid. En sa kaem
de moart fen it forsliopen ek út. Mei al dy alteraesje wier
it melken noch lang net dien, do't de molkrider kaem.

It wier hast seis ûre, do't it melken dien wier en dêr wachte de rider net op, mar jage wer foart. Do't de boer by de kou kaem, wier er al dea. Do't de melkerij en it kealleboarnen en it skiepmelken dien wier, en hja yn 'e pûskoken sieten to brea-iten, hong der in swiere loft oer de pleats hinne.


De boer, sa hommels út it bêd helle, hie by de deade kou en yn 'e yester by de melkers mear gâlle útspijd, as for syn nochteren mage goed wier en siet nou yn 'e hoeke fen de pûskoken mei in antlit, as scoed er pleats en fé en folk yn ien hap forskoerre.

Do't it brea-iten dien wier, frege de feint: „Moat de âld bles foar de molkkarre om de môleke nei it febryk to bringen?”

„Ja, wis, hwet oars!” rôp de boer grimitich. „Den komt dy tominsten ek dea werom! It is mei ien dea bist noch net moaijernôch!”

„Nou, ik wol it jong hynder der ek wol foarslaen”, sei de feint iiskâld.

„Wol ja”, ketterminte Klaes Alles, „det liket my ek wol goed ta; den de hiele rommel op 'e rin en alles oan grom; it hindert ek neat, it giet hjir dochs sa mâl as 't kin.”



„Nou, siz den mar ho't it al moat”, sei de feint, ek al in bytsje koart, „ik kin der ek net bêst seis bosfolle môleke hinne kroadzje tinkt my.”

Mar de boer sei net ho't de môleke der den al hinne moast en do't it folk op 't lêst út 'e hûs gie, gie de boerinne hjarren efternei en sei: „Jimme moatte sels mar sjen hwet it bêste is; de boer moat earst mar hwet bikkome; mar f'ral foarsichtich, gjin ûngemakken mear as 't kin.”

„Ik leau”, sei de feint, do't hja efterhûs kamen, „det ik it jong hynder der mar foarslach, den bin ik hwet gauwer werom; dy kou moat dêr ek noch wei.”

„Det die ik net”, sei de arbeider, „det bist is neat wend en astû dêr nou ek noch ûngemak mei krigest, den is ús ûngelok hjoed net oer to sjen; it stiet al sa min mei de boer.”

„Nou, hou! hou!” sei de feint, „hy fret ús net op. Den moat hy mar útslach dwaen; wy kinne ek net helpe, det dy kou yn 'e sleat krûpt.”

„Mar ik krike de âld bles mar as ik dy wier”, sei de arbeider, „it is net fortroud; dû witst wol, ho't it fen 'e simmer gien is yn 'e ûngetiid; do fleachst' mei in weide hea yn 'e grêft.”

„Ja, mar hy komt nou yn't stokramt, den haw ik mear to sizzen”, andere de feint, „en as ik mei de âld bles hinnegean den bin ik hjoed hast birgen en den scil 't der ek net bêst foar stean; ik weagje it mar.”

It jong hynder kaem foar de molkkarre en de feint ried mei de môleke nei it febryk.

Do't de karre de dyk lâns rattele, kaem de boer de doar útfleanen mei beide hannen omheech. Hy scoe de feint werom-raze, mar dy hearde neat troch it ratteljen fen de karre. Allinne de houn seach de feint foartriden en fleach him yn in geswint efternei.

„Dit giet mâl, dit giet mâl; alles rekket op 'e rin!” foetere de boer. „Det komt fen det erflike forsliepen: earst in kou en in keal dea en nou noch in skoan jong hynder forniele; it giet der den hjoed wol heil om seil oan wei.”

„Hwet moat ik dwaen?” frege de arbeider.

„Nou, de âld bles moat mar for in karreûnderwirk; dy kou scil der wol wei moatte.”

Mei de pols op it skouder, it blok hast op 'e groun hingjend, — det die Klaes Alles altiten as it sin tige min stie, — stoep de boer de finne yn, yn 'e oare hân in great mês om de kou de hals út to snijen.

Efter him oan kaem de arbeider mei de âld bles for it karreûnderwirk en in pear bynpeallen om de kou op it underwirk to rôljen.

Wylst ried de feint mei it jong hynder foar de molkkarre út in flinke draef de dyk lâns nei it febryk, en de houn, dy't bliid wier mei dit útstapke yn 'e iere moarn, dounse mei greate srongen foar de karre út.

It gyng mar tige bêst. Soms bigoun it jong hynder ek ris, lyk as de houn, to dounjen en to springen, mar de feint hie him goed yn 'e hannen en sùnder ûngelokken kamen hja by it febryk.

Do't de môlke ôflevere wier, gie it wer op hûs yn. Nou wier it oppassen. In hynder is nei hûs ta altiten healwizer as fen hûs ôf, en de feint hie den ek de klim sa fêst set, det de poarteam as in mûrre sa fêst yn it hynder syn bek siet.

De houn roun wer meast foar it spil út; inkeld ris bleau hy hijr ef dêr eskes stean, om den wer mei greate srongen foarút to fleanen. Dêr hie it jong hynder in great mier oan en eltse kear as de houn wer foarútstoude, moast de feint der tige om tinke.

Der wierne lokkich net folle auto's yn 'e iere moarn. En dochs kaem der noch ûngemak.

Op de Jousmabûrsterdyk, dêr't net mear om ûngemakken tocht waerd, kaem it. In houn, dy't mei it folk op 't lân wier, seach Klaes Alles' houn en kaem mei alle gewelt de foarikker lâns fleanen. Klaes Alles' houn bleau stean om syn fijân ôf to wachtsjen en krekt do't de feint mei it reau njunkens de hikke wier, sprong de houn der oer en de oare houn lûd gromjend op 'e lea.

Det wier to folle foar it jong hynder. Mei in greate, wylde sprong fleach er fensiden en ear't de feint it keare koe, laei de molkkarre op 'e side yn 'e sleat en hy oan de oare side fen de sleat op 'e wâl. Mei it stokramt en it foarste ûnderwirk fen de molkkarre naeide it jong hynder út.

Heal forsuffe, ien-bloed-allegear-bloed, bisocht de feint him efternei to fleanen, mar dêr wier gjin tinken oan. As de wyn fleach it deabinaude bist de dyk lâns op hûs yn. Wyld slingere it ûnderwirk efter him oan en sloech wit ho faek oer 'e kop en op lêst mei in greate swaei om in hoeke yn 'e sleat.

De houn, dy't it wyld aventûr sjoen hie, liet syn fijân yn 'e steek en jachte lûd blaffend efter it jong hynder oan en makke it bist noch helte oerstjûrder.

It gie sa mâl as it koe. It stokramt, det nou noch allinne meiskoerd waerd, sloech hinne en wer as in greate swipe oer it fleanende bist hinne, det yn syn eangstme de groun hast net rekke. Sa kaem it spil by Klaes Alles op it hiem fleanen, troch de mantel en it hôf hinne, hwer't de parren troch it slaen fen it stokramt fen de beammen ôfstouden.

De âld bles, dy't efterhûs foar it karreûnderwirk stie mei de deade kou der op, stie to triljen op syn âlde bonken en as hy noch kinnen hie, den hie hy mei flein it hôf troch.

De arbeider, dy't mei beide earms útinoar yn 'e mantel stie to swaeijen en to kearen, moast mar sjen, det er út 'e wei kaem.

Noch ienkear gie it de mantel troch, ûnder de parrebeammen lâns, foarhûs lâns, hwer't de faem op it bienhoustie to skreppen, en hird om in hinnekomen seach.

In hoefizer, troch it wylde fleanen losrekke, fleach yn in wide bôge troch de loft en kaem troch de ruten yn it herntsje tolânné, dêr't de boerinne fen kleare binaudens yn flechte wier.

Wer efterhûs kommen, fong de arbeider him. Hy boun it triljende bist, det ûnder skom en swit siet, mei de oerbleaune eintjes fen de leije oan de efterhûsmûrre fêst.

Klaes Alles, dy't fen bangens it lytshûs ynklein wier, kaem nou ek wer op 'e lappen en gie mei in: „Hop, hop, hop, myn bistke”, op it triljende hynder ta.

De âld bles kaem ek skean oer op him ta setten, biroek en bisnûfde him en wrinzge súntsjes, krekt ef woed er sizze: „Hwet hast' it wer nuver dien! Hwennear scilst' ris wizer wirde?”

„Ho scoe it mei de feint gien wêze?” sei de arbeider.

Mar de boer joech gjin andert; hy hearde it miskien net iens. Hy fage mei in toppe strie, al roppend: „Hop, hop, hop, myn hynderke”, it skom en it swit fen it triljende hynder ôf.

Njunkelytsen kaem ek de feint efterhûs rinnen.

Do't de boer him seach, mei de holle ûnder bloed, sei er: „Mar gau nei de frouljue ta! Jo sjugge der raer út!”

It foel mei de feint in hiel stik ta; oars net as de tosken troch de lippen en hwet smertlapkes, dy't hy krike hie yn 'e reidstoppels, do't hy fen de karre ôf tsjin de wâl oan fleach. It hie mâlder kinnen.

Ut „Oarreheite Pet” fan W. Cuperus.

30. MYN EARSTE FRJEON.


Lyk as alle bern, for hwa de wrâld hwet greater wirdt as it eigen hiem, krike ik ûndeskate bikenden ûnder de jonkjes fen myn âldens. Sa wenne efter ús 'n jonge, dêr't ik wol ris by wier, en dêr't ik noch fen wit, det syn heit omraek brake en slypje koe, dy't ús yn 'e tiid fen it bos-sjitten oan hijdde holp for ús bossen; hwaens mem ús traktearre op brea mei sjerp en op bôle mei plakken reade byt; en hwaens eigen rykdom foaral bistie út 'n koerke fol pipen en pipekoppen fen alle mooglike modellen. Den wier ik wol ris by 'n jonge út it earmhûs, dy my tellen leard hat oan hûndert ta, mar my op 'n kear mei syn klomp ôftichele hat, hwet oan ús omgong 'n ein makke. Frjeon lykwols waerd ik mei 'n jonge, dêr't ik nou noch wol 'n bulte om tink, 'n wunder aerdige, bigaefde jonge. It hûs fen syn âlden wier troch 'n hage ôfskaet fen ús hiem. Earst hâldden wy ús bernepetearen elts fen 'n kant fen de hage. Mar it dûrre net sa lang, ef ik waerd oer 'e hage tild en mocht den by him yn it tún komme. Det tún wier for my 'n nijje wrâld, en dêr mei him nei de ûndeskate fruchten to sjen en foaral nei de blommen, asters en fioelen en goudtsjebloommen dy't hy sels siedde hie, wier my 'n sielenocht. My is altyd bybleaun, ho't wy nei lang sykjen 'n nêst founen fen 'n stikelbaerch. Hy wist, det der 'n nêst wêze moast en krekt sa lang hawwe wy socht, det wy it ûnder 'n hage yn 'n bult rûchte úntdieken. Hy sloech der net op, lyk as oare jonges faeks dien hiene, mar hy tilde de jonge stikel-



barchjes út it nêst en sette se op de túnbank. Hwet hiene wy 'n wille, do't de bistjes mei hjar bargesnûtsjes en forstânnige eagen oan 'e kuijer setten de túnbank lâns. Ik seach my de eagen út 'e holle. Do't de foarstelling ôfroun wier, hawwe wy de jongen wer mei soarch yn it nêst brocht by hjar heit en mem. Letter hawwe wy de femylje noch wol ris yn skimerjoun rounskarreljen sjoen en opmerke kind, det it jonge folkje yn alle foarspoed opgroeije mochte.


Eat hiel bysunders by myn frjeon wier, det hy sa wûnder moai fortelle koe. Syn omke, 'n skoallemaster, skreau berneboeken, dêr't hy altiid presinteksimplaren fen krige. En as hy den wer 'n boek lêzen hie, den fortelde hy my det. Op simmerjounen giene wy den togearreit doarp út, de Skieppewei del, de paden lâns, lâns bouwen en greiden. En wylst de frede fen 'e simmerjoun oer it fjild laei, de dauwe út 'e sleatten omheech stiigde, it fé yn it lân laei to werkôgjen, ris 'n ein opfleach út it wetter, 'n hynder stil as 'n spook efter 'n hikke stie, fortelde myn frjeon, fortelde fen Spanjoalen en Geuzen, fen fûgelfappers en in búksprekker dy't 'n pastoar mei syn búksprekken mâl to fiter hie. Hy fortelde mar en it wier soms al knap skimerich, as wy wer yn it doarp kamen. 'n Grouwe jonge, dêr't fêst netolle poësy yn sitten hat, hat ús ris for „nachtbidders“ út skeld. Ik bigriep it wird net, mar fielde wol, det hy der netolle goede goeds mei bidoelde. Mar it hindere my net slim, it wier my wol 'n skelwird wîrdich, mei sa'n goede frjeon ûnder sok petear troch it fjild to dwalen.

Us frjeonskip hat lykwols net lang dûrre. Ik wier mei de Krystfekânsje útfenhûs nei myn oarreheit en oarremem. En ta myn greate skrik kaem der tynge, det myn frjeon nei 'n sykte fen 'n pear dagen forstoarn wier en det ik for 'e bigraffenis thûs



komme moast. O, hwet fielde ik my ûnlokkich, do't yn myn jonge libben de dea for it earst my syn pine brocht. Hwet kaem ik illindich thûs. De oare deis ha ik mei myn heit nei it stjerhûs west. Ik sjoch noch de brune sketsdoar, dêr't wy troch giene, it efterhûs mei de estrikken, de lange gong dêr't wy yn kamen en do giene wy loftsom de rûme, giel ferve keamer yn. Dêr wier de heit mei syn yndrovich antlit, de stille bleke mem mei hjar smert, de âldere broer en de beide jongere sisters yn it swart, en yn 'e zwarte kiste laei myn frjeon, dy't ik foar 'n dei ef hwet noch fleurich sjoen hie. Hwet laei hy stil en fredich mei syn ynwyd gesicht. Ik moast, waerd my sein, mar efkes syn wang fiele, mar it wier sa kâld as iis en sa hird as 'n stien, en ik waerd sa kjel, det ik yn gjin jierren en jierren ea wer 'n lyk oanroerd ha. De bigraffenis haw ik ek bywenne. As lytse jonge siet ik stil by heit, en ha de âlde dûmny mei syn heech stal en syn grize krolle heard. En al koe ik net alles bigripe, ik ha wol bigrepene, det dûmny fen myn frjeon tsjûge, det hy gelovich, as 'n bern det wêze kin, stoarn en nei Jezus gien wier.

En det leau ik noch, as ik him wer foar my bring, dy't ik myn earste frjeon neame mochte.



31. TROCH IT IIS.

De winter mei syn snie en iis bringt foaral for Fryske bern 'n wille mei, lyk as de simmer mar komselden jaen kin. Mar, oan dy wille sit 'n gefaerlike kant. Mear as oars

liket de dea wol op 'e loer to lizzen, om slachtoffers to meitsjen. Sels ha ik der hwet fen ûnderfoun, hwet ik noch foar my krije kin as wier it jister foarfallen.

It wier Snjeon-to-oerdei, en ik mocht mei ús feint 'n reed dwaen nei oarreheit-en-dy's. Wol hie it iis troch 'n pear dagen tei-waer lit, mar de froast wier werom kommen, en de hiting wier det de banen noch goed to biriden wierne.

Do't wy ús by de hege wâl fen it Great Djipt delsakje lieten, foel it ús, earlik sein, net ta. Troch it fûle streamen fen 'e Nije-Silen wier it iis ynsakke, en oan 'e kanten efter 'e reiden stie frij hwet tynwetter. Der wierne sels plakken, dêr't it donker driigjend Djiptswetter troch 'n brede skoer to sjen wier. Mar midden op it farwetter laei de baen mei de heal weiteide snierichels en dêr twisken wier it noch wol to rideń. Wy bounen den ek ús redens ûnder en mei de Easterwyn yn 'e rêch kamen wybihâlden yn Dokkum. En ek kamen wy troch en wer út Dokkum, al moasten wy den ek mannich kear gehoar jaen oan 'e rop fen 'e baenfegers dy't by alle poartebrêgen de riders opheinden mei hjar gerop: „n Sentje foar de baanveger!“ en stéfest 'n biezem foar 'e foetten smieten fen elts, dy't sùnder biteljen útknipe woe.

Op de Ie wier it iis, det dêr minder fen it streamen to lijien hie, al wer better. Hwet langer hwet mear aerdichheit kriegen wy der oan mei fikse slaggen op 'e glêdde izers to gliden by de mei reid biwoechsen wâllen láns, dêr't hjir en dêr pleatsen oan stiene, oars yn 'e wide wrâld forlern mar yn 'e winter opnommen yn it forkear.

Minder nollik fielden wy ús, do't wy rjuchtsom ûnder 'n wrakke trekwei's brêge troch, 'n feart ynbûge moasten, dy't hol laei fen it streamen. Mar yn 'e midden, troch 'n skoer yn 'e lingte láns, wier wetter opsetten kommen det mei nij iis biférzen wier. En dêr koene wy, al kreake it en al bleauwen wy út foarsichtichheid 'n jelne ef tsien fen

inoar ôf, dochs op ride sùnder dertroch to sakjen. En hwet ús 'n fortroud gefoel joech, wier, det der iderkear noch 'n pear streken foar ús út op det smelle iisbaentsje to sjen wierne.

Sa kamen wy fierder. En hwet fierder wy kamen, hwet iensumer de wrâld waerd. De streken op it iis foar ús út hâldden ek op. Hwa't earder der láns kommen wier, wier lofts ombûgd, siker nei in pleats ta dy oan de ein fen 'n opfeart laei. Der wier gjin hûs mear en gjin oar lûd as it krassen fen ús redens en ús eigen lûd. Rjuchts fen ús siet 'n hege sniewâl, kinstich opboud troch 'n sniesstoarm, en lofts laeijen stille bisnijde fjilden ûnder 'e grize winterloft. Wy waerden stil mei de stiltme mei. En it wier ús 'n forromming, do't wy einlik yn 'e fierte oarreheite stjelp seagen, dy't oan 'e beide tongerlieders twisken skoarstien en ûleboard wit hwer to kennen wier. It ein fen 'e reis kaem yn sicht.


Om sekuer mei droege foetten oan to kommen, scoenen wy it lêste stik fen ús trajekt ús smel en hwet swak baentsje yn 't midden fen 'e feart forlitte en op it robberige âlde en nei't wy tochten sterke iis ride. Mar sjedér, sadré de feint him op it âlde iis weage dêr't wy op fortrouden, broazele it sa mar ûnder syn redens yn skoskes. Troch 'e feart dy't hy hie, kaem hy noch hwet tichter op 'e wâl oan. Mar sa fier net as hy bleau noch ta de hals yn 't wetter. Mei syn earmtakken bleau er op 'n stik iis hingjen det oan 'e wâl fêst fêrzen siet. Ynstinktyf skeat ik ek, do't ik 'n meter of tsien foar my út ús feint sakjen seach, op 'e wâl ta, mar sels myn jongesgewicht koe it iis, det yn 'e bocht fen 'e feart troch it streamen fen ûnderen ôfsliten west hat, net drage. Ik kaem noch sa'n bytsje mei myn boarst op 'n stik iis to lizzen, det lokkich sa stevich oan 'e wâl fêst siet det it my hâlde koe.

Wûnder is 'n minske gesteld as him soks-sa-hwet oer-

komt. Ik wit wol, ik ha neat fen 'e kjeld fen it wetter field. Ek wit ik noch, det wy inoar oer it iis hinne oansjoen hawwe sùnder ien wird to sizzen. Us tastân wier faei. Boaijem fielden wy yn dy streambocht net. It neiste hûs, mei de histoaryske namme „De Bolleholle“, wier noch inkelde stikken lân fen ús ôf. Us feint koe hielendal neat biginne en ik wier net earmsterk genôch om my op it iis op te setten.

Mar einliks, do't ik myn foetten oploek en as 'n kikkert nei ûnderen stjitte om in skokje nei boppen to krijen, slagge it my út it wetter en op 'e wâl to kommen. Nei de feint to rinnen, him by de polzen to pakken, om mei alle macht to lüken, wier it wirk fen 'n tel. En sa kaem de feintbihâlden op it droege.

Noch noait hiene wy ien wird sein. Mar do kaem de réaksje. Wy gûlden en laken tagelyk, wy stammeren ek warden fen tank oan God, Dy't ús útholpen hie en sùnder de redens ôf to binen knoffelen wy oer 'n pear stikken greide en 'n stik bou, om net earder ta ús sels to kommen



as do't wy op 'e Bolleholle de klink fen 'e boppedoar op-tilden en folk rôpen.

'n Frjeonlik arbeiderswyfke kaem al gau opsetten. Hja joech ús hwet h jitte thé. Hjar man lei planken oer de feart, sadet wy de oare kant birikke koenen. En do setten wy ús reis fierder foart en bokseLEN dwers oer 'e fjilden, dwers oer folsnijde sleatten dêr't wy soms oan 'e mil ta ynsakken en rjuchtút rjuchtoan op 'e greate stjelp ta.

Unforwacht kamen wy dêr, mar wy wierne wolkom. En oarremem, 'n redsume boerinne, bioardere gau det wy droege klean krigen. Wy libben wer moai op, en omdet it al vrij let warden wier mei al dy foralteraesje, giene wy nei 'n net to lange rêt wer op stap. De feart lâns doarsten wy net wer, dêrom rounen wy in ûre fier om yn Birdaerd wer de le op to sykjen, dy't noch to rideń wier.

Fen Dokkum ôf moasten wy wer gean, oardelûre fier; troch it streamen wier it iis net mear fortroud. Om de wei to bikoartsjen binne wy noch in binnenwei lâns gien, der't paed noch spoar wier en altyd troch de snie, sadet ik hast net mear fierder koe, en do't wy wer de hirde dyk hiene, de feint yn 'e earm hong fen wirgens. Mar wy kamen dochs, troch God biwarre, wer libben thûs.

Op it iis is 't moai, mar troch it iis is hwet det ik gjin minske tawinskje.

32. DE JAGER.

Jan Jelles stiek op Snjeontomoarn
Yntiids nei 't Noarderleech.
Hy sei: „ ik moat in hazze ha,
Ik sjit him yn in feech.

Ik ha in bêste dûbelloop;
 Patroanen yn 'e tas;
 As ik nou 'n bytsje lokkich bin,
 Den rint it fêst wol los."

Jan Jelles wier in jagersman
 Sa fûl, det stiek net nau.
 En alle minskens leauden det,
 Utsein den Jan syn frou.

In keppel goezzen boppe him
 Stiek heech oer de sédyk.
 Jan seach omheech en sei: „Ja just,
 Jim hawwe great gelyk.”

Dêr seach er op de dobbekant
 Hiel efter yn plak twa
 In hazze as in twinter rier.
 Jan sei: „dy moat 'k mar ha.”

„Hui hazze!” rôp er, „tuike bist,
 Bliuw dû mar râstich stean,
 'k Sjit dy den as in pier sa dea,
 En kin nei hûs ta gean.”

De hazze boarte stil yn 't gêrs
 En Jan lei redsum oan
 En skeat.... de hazze tipple foart.
 Jan sei: „Nou is 't bidoarn.”

Hy smiet 't gewear him efternei
 En rôp: „'k doch dy gjin kwea,
 Hjir hast de hiele santecklyk,”
 Sjit den dy sels mar dea!”

Mar 't haske naeide hânsum út.
 Jan krike syn gewear
 En swalke 't hiele klaeilân ôf,
 Mar seach gjin hazze mear.

Mismoedich siet er oan 'e dyk
 En slûge súntsjes yn.
 Do kaem d'r in lytse jonge oan
 Mei 'n hazzekleurich knyn.

Jan skrille wekker en sei: „Jong”,
 Hwet is my det in dier;
 Myn ljeave stumper, hwet in knyn,
 Dy is wol acht poun swier.

Dêr jow ik dy 'n ryksdaeler foar!”
 De jonge sei: „hjir sa!
 Jow my mar sinten, en de sek
 Dy krij jo der op ta.”

De jonge sakke floitsjend ôf.
 En Jan sei: „Nou bin 'k klear,
 Hwet wit myn wiif fen hazze ef knyn,
 Nou ha 'k gjin soargen mear.

Ik byn him mei in tou oan 't sket
 En sjit him lekker dea,
 Hwent libben kin 'k der net mei foart,
 Det docht in jager nea.”

Jan bynt in toutsje oan 'e poat
 En oan 'e hikke fêst,
 En mikt, en sjit, en, ja, it lokt,
 It lokt mar tige bést.

Jan sjit it toutsje krekt dwerstroch,
 En foetsy, giet de knyn.
 En Jan seit gûlend: „och myn treast,
 Hwet haw ik yn 'e wyn!”

Jouns komt er by syn wylke thús
 En seit: „hjoed neat gjin nijs!”
 En 't wylke seit: „det hie 'k wol tocht,
 Den moarn mar keallefleis.”

33. HOFKESJONGE.

Under de sünden tsjin it achtste gebod neamt ús Catechismus ek, det wy it goed fen ús neiste oan ús bringe. En ta dy súnde heart ek it saneamde „hôfkesjongen”, it stellen fen 'n oarman syn apels en parren en hwet der mear ytbers yn in oar syn hôf waeksje mei.

Dochs dogge aan dy dieverij ek wol bern mei, dy't op 'e Christlike skoalle geane en Sneins yn tsjerke hjar plak hawwe.

Sa is 't nou, sa wier it ek yn myn bernejierren.

Sa kin ik noch foar my krije 'n hiel rige jonges, dy't earne yn 'e wichters sitten hiene, mar trappeard wierne. Under lieding fen ús doarpsfjildwachter moasten hja allegearre nei it gritenij-hús to Mitselwier om foar de Grytman to forskinen. It wier 'n hiele optocht, foarop de fjildwachter, en dêr efteroan de jonges, neffens hjar greatte opsteld, de greateste foarop, de lytste dogeneat boksele efteroan. Hja hawwe in leksum krige fen 'e Grytman, det hjarren bybleaun is. En hja hawwe wol oppast, det se net 'n twadde kear wer yn Mitselwier kamen, hwent den krigen se mei de stôk en waerden opsluten yn it hounehok. De âlde Grytman, in heareboer fen komôf, oefene sels lyfstraflike rjuchtspleging út, moatte jimme witte en syn âlderwetske methoade holp tige.

Mei skamte moat ik bilide, twa kear my ek oan hôfkesjongen skildich makke to hawwen. Ik die it mei 'n kloppend gewisse en makke beide kearen sa'n ûnlokkiige reis, det ik it net wer weage ha. Ik ha letter wol ris tocht: God hat it my daliks ôflearre wollen en ik ha der myn libben lang tankber for west.

Ien kear ha ik my oerhelje litten troch 'n kammeraet, om yn dûmny syn ierdbeijen to gean. It wier net sa'n hiel gefaerlike ûndernimming. Wy moasten troch in stekje, det útkaem op it „Grompaed”. En lofts efter it stekje wier in hielendal net heech stek, hwer't de ierdbeijen it Adamsbern lokken as alear de forbeane frucht ús foarâlden yn it Paradys lokke hat. Wy rekken súnder biswier mei ús beiden troch it stekje en oer it stek, al sloech my it herte tsjin 'e kiel oan. Alles like feilich. Hwent dûmny, dy't noch net trouw wier, wier foartgien to kuijerjen. De húshâldster wier ek net thús.

Mar ho koe it sa mâl. Ik hie noch gjin ierdbei preaun, ef dêr kaem mei greate sprongen en fûleindich blaffen dûmny syn houn de tún trochsnoerjen, fier foar dûmny út. Wy wisten net, ho hîrd wy op 'n nij oer it stek en troch it stekje komme scoene, om ús efter de beammen fen it Grompaed to forskûljen.

Det wier myn earste ôflear.

De twadde kear det ik meidie, roun ek net goed ôf. Der wier op 'e ein fen it doarp in tige kreas rinteniershûs, det wol „it slotsje” neamd waerd. Troch 'n hamei kaem men op it hiem, dêr't oan alle kanten in gréft omhinne roun. Efter det hûs wier in hôf mei fruchtbeammen. Nou stie det hûs dodestiids leech, mar de man dy't der neist wenne, moast op hûs en hiem passee. Dy man wier lykwols net altiten thús, en as de jonges yn 'e gaten krigen det hy foart wier, den waerd de slach slein. Earst wier it wol hwet binaud wirk fen 'e strijtwei ôf it hiem op to gean, mar dy't ienkear efter it hûs yn it hôf wier, wier fen 'e wei ôf net mear to sjen en koe mar tastelle. Hwet is dêr hwet fen 'e beammen helle! De jonges hiene net allinnich de búsen fol, mar ek de bloeskes. 'n Stêdsman, dy't yn ús doarp útfenhûs wier, hie 'n posbroek oan en hy hie syn wide posffen fol-laden. Jonges, dy't net sa'n stêdske posbroef ryk wierne, wisten ek wol rie en bounen tou únder om 'e boksen en lieten apels en parren yn de broekspipen nei únderen glide, det de broek hast út 'e naden boarstte. En as sy den as echte rovers mei hjar bút wer foar it ljocht kamen, en op in stil plakje sjen lieten hwet se allegearre meisleep hiene, en ik seach dy útstalling fen parren en Frânske kroanen en ringenetten en skieppekoppen — ja ek skieppekoppen — den koe my it wetter om 'e tosken rinne. De bigearlikheit woun it op en djûr fen de warskôgings fen myn gewisse. Einliks joech ik de striid tsjin de forlieding op en rekke op in kear ek mei yn it forbeane paradys.


Mar wy hawwe, do't ik mei die, net folle plezier bilibbe fen ús ûndernimming. De oppasser, dy't net thús hiet to wêzen, wier wol thús. Hy krige ús yn 'e gaten, en hy wier net mak. Kaem hy net 'n kear út syn timmerwinkel stouwen, om syn soan mei it spantou to jaen, dy't krekt in skelnamme for 'e nije master útfoun hie en ús foarstelde om

master Woudstra Woudezel to neamen? Mar syn heit, dy't det krekt hearde, sei: „Hwet scoestou, heite”, en hy seame syn soan om. It hat dy jonge gjin kwea dien; hy is boppe-master warden yn ien fen ús greatste stêdden. Mar wy hiene, lyk as jimme bigripe kinne, it net stean op 'e kastijng fen sa'n strange heit, dy fen Salomo leard hie, de roede net to sparjen.

Dy strange man den kaem ta ús greate skrik op 'e hamei ófsetten. Nou waerd it binaud, hwent wy sieten hast as rotten yn 'e fâlle. Hwer scoene wy hinne, hwent om it hiele hiem wier in brede gréft.

Lokkich wist ien, dy't der al faker west hie, in útwei. Der roun oan 'e oare kant fen it hûs in houten pin-daem troch de gréft. Oan 'e boppekant wier dy hiel-lendal biset mei opsteande skerpe spikers, sadet der gjin kat oer koe. Mar 'n jonge, dy't binaud is, kin soms mear as 'n binaude kat. Wy biretten ús net lang, mar glüpten nei de daem. Mei de fingers twis-ken de driigjende spikers gyngen wy op de knibbels lizzen op 'e balke, dèr't de planken fen 'e daem oan fêstlein wierne. De balke roun hwet skean óf, sadet wy yn gefaer wierne, der by del to gliden. It wetter stie ek heech, sadet ús klompen troch it wetter sleepten. Mar hanbré nei hanbré skouden wy op ús knibbels dwers oer 'e pindaem, allegearre efter inoar, sa stil as müzen en hwet forskûle efter de strûken fen 'e mantel. En sa rekken wy oan 'e oare kant yn 'e greide, súnder det wy mei latte ef spantou strips hawn hiene. Mar ik hie myn twadde óflear to pakken en ha my net wer oan hôfkesjon-gen bisúndige.

Jonges, doch der ek net oan. Hwent mei hwet moaije namme it ek opsierd wîrdt, hôfkesjongan is súnde, dy't de Heare net lije wol; it is net oars as stellen, lyk as 'n jonge, dy't net súnder omtinken is, efter syn jaske ef blouse sels tige goed fielt.



Y N H A L D:

	Side
1. Huzing yn rym	A. M. Wybenga. 5
2. Fryslân.	" 6
3. De treurebeam.	" 7
4. In rûzige joun.	" 8
5. Ropster mounle.	" 9
6. Wouterke.	" 10
7. De lytse lânwrotter.	W. Cuperus. 13
8. Greidhoeke.	A. M. Wybenga. 24
9. Kijforweidzjen.	" 25
10. De ramp fen 't Moddergat	" 26
11. De slach dy't oankaem.	" 35
12. De sêfte flokken falle.	" 40
13. De eider.	" 41
14. Sisterke.	" 41
15. De reis fen Pinkhof.	" 45
16. De striid tsjin de Jarla's.	" 50
17. Boppe, útkomst.	W. Cuperus. 55
18. It forfaltje yn 'e krypt.	A. M. Wybenga. 63
19. Lytse Piter.	" 68
20. De knarjefûgel.	" 69
21. Pleats.	" 71
22. De neimakke Jonker.	" 72
23. De dreamer.	" 77
24. Rynkom scoe oppasse.	" 78
25. Beam allinne.	" 79
26. Wilfryd to Wierum.	" 80
27. Willebrord op Helgolân.	" 82
28. Bonifacius.	" 84
29. Wer mis.	W. Cuperus. 86
30. Myn earste frjeon.	J. Douma. 93
31. Troch it iis.	" 95
32. De Jager.	W. Cuperus. 99
33. Hofkesjonge.	J. Douma. 102

De nûmers 18 en 22 binne T. E. Halbertsma fen fierrens neiforteld.

Side 8: Skuilet = rint skean en stuiterich.

„ 47: Speake = rekte ^{him} _{hjar} út mei meneuvels.

